



# Noardlike nachten

R. R. van der Leest



Noardlike nachten

R. R. van der Leest

nachten

# Noardlike

ÚTJOUWERIJ  
FRYSK EN FRIJ  
Ljouwert  
2019

Noardlike nachten

© 2019 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/  
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen

Ut dizze útjefte mei neat fermannichfâldige wurde en/of iepenbier  
makke troch printsjen, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder  
skriftlik goedfinen yn 't foar fan de útjouwer.

No part of this book may be reproduced in any form, by print,  
photoprint, microfilm or any other means without written  
permission from the publisher.

NUR XXX

ISBN XXX

[www.frysk-en-frij.nl](http://www.frysk-en-frij.nl)

Mei tank oan de film  
*The Fearless Vampire Killers* (1966)  
fan Roman Polanski





**W**INTERMOANNE 1780. Wy zoome yn  
op 't barre ûndersnijde midden fan Frieslân  
en folgje dêr in slidespoar dat slingert  
hichten lâns en fjilden oer by moanneskyn.  
Us skerpe kiker komt in dûbelspan benei,  
dan glydt in koetseslide lyk oan ús foarby.  
't Is stjerrend kâld. Foarop de fuorman, weidûkt  
tusken bochel, bontkraach en in bearemûts.  
Op de readoerklaaide bank fan de kabine  
huvert mei griengiele eagen in blondine  
en stoarret nei in sniebult yn 'e fierte.  
Wat sy net bemerkt, de fuorman likemin,  
is dat achter har de kofferbak starich  
iepenspjalt. In manspersoan glûpeaget  
troch de kier, de tûke kikers stean him strak.  
No dûkt er him en it lid giet langsum ticht.

Wy meitsje 'n trek yn fûgelflecht en krije sicht  
op in grut kastiel, stikelich fan kantielen,  
en strike op 't foarhûf neist in fiver del.  
Yn 'e midden in fontein: wetterstrielen  
ferzen ta in iisblom op in lange stâle.  
It kastiel, ferrinnewearre, hat fiif tuorren:  
fjouwer spitsen en in stompe klokketoer.  
Boppe-oan yn de skoarstien in soad skuorren,  
út noastergatten bûlje snottebellen reek  
de stobbeleintsjes tosk fan de omgongen oer.  
Under hat it front bline ribbelmuorren  
en in tagongspoarte mei izeren doar,  
ien heech bin' finsters mei beskoattele lûken  
en fierder hegerop mei traaljewurk derfoar.  
De skoarstien rikket, in libbensteken, mar  
útstoarn docht him foar it tsjustere gebou.

**D**êr komt de slide oan. By de treppenstoepe  
hâldt er ho. De fuorman skrept om fan de bok ou,  
poemelt troch opwaaide snie nei it portier  
en docht it iepen foar de frou achter glês.  
Se stapt út de koetse, nimt har hântaske mei  
en hipket en tripket, as in kat troch wiet gers,  
de bochel, dy't har foaropgiet, achternei.  
Wilens knerseltosket de izeren doar  
en draait healiepen. De gnizende kop fan  
in rûge kolos mei ien each en gjin lapke  
foar it stjerfoarmige gat fan it oare.  
Hy dammet de trochgong, earst op it lêst giet  
er oan kant. Se strykt by him lâns it opstapke  
oer fan de drompel yn it healtsjuster portaal.  
Achter reus ieneach wei springt in lakei, heal  
sa grut, in himpen jongfeintsje, nei foaren,  
stefke yn de hân en it hier yn in sturtsje.  
Hy makket in bûginkje, knikt mei de holle:  
'Wolkom, madame, folgje my as jo wolle.'  
Hy dûnset suver foarút, stefkeswaaierend.  
Se fitert him nei. Oer har hâldt de sykloop in  
lantearne omheech, hy poatet yn synkopen  
de dûnspassen nei. Ljocht, oer 't feintsje skaaiend,  
teistert troch nissen, ferwulften en gongen.  
Under it opwippend sturteintsje hier sjocht se  
ien ear, 't oare in fleizige raffel. Mei sneed  
rau, rjocht en read tusken sliep en wangbonke.  
Op it lêst oan de ein fan in gong ljochtsje  
twa walmjende fakkels, fêstmakke yn ringen,  
oan wjerskanten fan in panieldoar dy't gappet.  
De reus syn lantearne swaait ôf en ferswynt,  
de lytse lakei triuwt de doar fierder op  
en bûcht: 'Ik sil de graaf jo komst te witten dwaan.'

Se stapt in keamer yn, dêr't in kroanljochter skynt.  
'As jo hjir even wachtsje. Ik rop de graaf en  
nim in sit,' wiist er foar't er him ôfjout.

No is se allinnich. Hjir gjin útsliten boel.  
Se sjocht har de eagen út en nimt in earmstoel.  
Wat in ferskil! Nyskes hie se noch gjin aan  
fan de rykdom yn dit âld rottekleaster.  
Wat in pracht! In ljocht fertrek, smaakfol ynrjochte  
mei ranke meubels op sierlik kromme poaten.  
In buro en taffeltsjes, it blêd ynlein  
mei ivoar, in kast mei sulversier beslein.  
Op in richel by 't lewant lâns stean yn soarten  
wite en kleure byldegroepkes fan porselein.  
No wurdt se net mear troch de kjeld befangen,  
yn 't hurdste slikt hite gie tongen.  
Nei in moai skoft komt de lakei de keamer yn,  
postearret him neist de doar en mei in grutte  
stêf tikket er trettjin kear fûl op de flier.  
Hy ropt: 'Graaf Cinemato Neoromanski!'  
Steatlik trêdet in skrale man oer de drompel,  
rjocht, wat achteroer, mei de tsjinhâldende stap  
fan ien dy't starich by in skeante del giet.  
Hy hat in bleek gesicht mei holle wangen,  
in kromnoas en in fel dat hast trochskinend is.  
Hy nimt har fingerseinen as er by har stiet,  
hifket se mei klamme hân nei syn lippen,  
pranget in tût. 'Dynte Planteit, sûnder mis.'  
'Jawis, hear graaf,' makket se har minlik bekend.  
Djip sjocht er har yn de eagen en: 'De skientme  
fan in gast is in eare foar de gasthear,'  
seit er mei in heas lûd. 'Mar hoe wie de reis?'  
'Alderbenaudst, nee, alderkâldst,' seit se earlik.

‘Och heden noch ta, wie it sa jammerdearlik?’  
 ‘Ik ferhipte fan kjeld, jo wenje fier fuort.’  
 ‘Fan jo wenstee út gâns in ruk,’ knikt de graaf.  
 ‘Hat de slidetocht jo ûngeriif brocht, dat docht  
 my leed, mar ik bin o sa bliid mei jo kommen,  
 dat jo oan myn útnûging gehoar jûn ha.’  
 ‘Hoe hawwe jo eins oait fan my fernommen?’  
 ‘In goefreon fan my, baron Pappsack út Prusen,  
 jo kenne him, hat my oer jo ynformearre.  
 Hy tinkt noch faak oan jo werom en hat jo  
 hoedanichheden oanrekommandearre.’  
 Sy tinkt oan dat swiergewicht dy oer har lei  
 en seit: ‘Ik wit it noch, hy wie in wichtich man.’  
 ‘Wis en wrachtich, hy is fan adel en dus  
 in pommerant,’ stimt de graaf har dêryn mei.  
 ‘Pfff, ’no is ’t te bot,’ pûst Dynte, ‘it swit brekt my út.’  
 ‘Untdoch jo fan klean safolle as jo wolle,’  
 riedt de graaf har. ‘Wy stoke ommers folút  
 by nacht en by dei as it friest dat it knapt.’  
 Se docht earst har skieppefluezen jak ôf, dêrnei  
 de wollen oerrok en kninebonten learskes  
 en stiet der kreas by yn sljochte blûs en rok.  
 De graaf lit starich syn each oer Dyntes lea gean,  
 kreaket keurend: ‘Jo haw wol smaak, dizze klean stean  
 goed, mar te gewoan, it binne ordinêre.  
 Ik sil jo wat bysûnders passe litte.  
 Frou Loena, klaaister-naaister-kostumiêre  
 fan my is betûft, dy wit alles fan moade.’  
 ‘O, mar ik haw ek myn eigen gala by my!’  
 ‘Jo binne jûns wat oars fannoaden.’  
 Dan keart er him fan har ôf ta de lakei,  
 wiist op ’t ôflein guod: ‘Miniami, nim dit mei  
 en bring it daliks nei de keamer fan madame.

Gean dêr ek nei, oft alles reemakke is  
 sa't it past foar in gast by yntym ûntfang.  
 It feintsje pakt byinoar rok, learskes en jak  
 en jout him ôf. 'Myn sjouwerman Felipomus,'  
 seit de graaf har, 'bringt jo bagaazje teplak,  
 set de hutkoffer by jo op de keamer.'  
 'Wat my opfalt, hear graaf, en it griist my wol oan,  
 dy't ik fan jo tsjinstfolk seach binne skansearre.  
 De fuorman praat net, is syn tonge útskuord?  
 Ien hat in útstutsen each, de lakei mist  
 in ear. Binne se allegear sa tamtearre?'  
 'Dat wiene se al, foar't ik se oannaam. Fuorman,  
 en wachtrinner en paazje,' seit de graaf bits.  
 Se slacht gau in oar praat: de sinteraasje.  
 'Sille wy no it jild regelje?' stelt se út.  
 'Myn kondysjes haw ik oan jo koerier trochdien.  
 Te witten: fan 't bedrach foar in bestelling  
 wurdt trije kwart foldien by oanbetelling  
 en de rest, ien kwart, nei ôfrin fan de termyn.'  
 'Sels hie ik oars ek al in konsept opmakke.'  
 Hy trêdet nei in grut pompeus skriuwburo.  
 Dêr bringt er in kasboek foar 't ljocht, sjocht it yn.  
 Se eaget om har hinne. Dy graaf hat ego!  
 It buro is befike, ynlein en beslein  
 oeral wêr't mar kin mei syn inisjalen:  
 haadletter C, dêryn in lytsere N.  
 'Dit is 't kontrakt dat ik fan myn koerier krige.  
 Sil ik it foarlêze?' freget er wer freonlik.  
 'Hear graaf: ik kin myn eigen skriuwen lêze.'  
 'Nim my net kwea-ôf, ik woe jo geriivje.'  
 'Tanke wol. Ik kin lêze en skriuwe, ik ken  
 boppedat twa frjemde talen: Ingels en Frâns.'  
 Se lêst: 'Fansels yn baar jild te beteljen,

gjin skuldbriefkes om op jo te ferheljen.  
 'Akkoart,' seit de graaf. 'Ik sil it foarskot no jaan,  
 de rest fan jo gaazje oer in wike ôfdwaan.'  
 Hy draait in kaai yn in laad, lûkt it iepen,  
 krijt dêrút in learen ponge en tomket  
 60 sulveren dukaten op 't buroblêd.  
 Dynte strykt op en ferdielt it moaie somke  
 oer binnenfekjes fan har hingeltaske,  
 wylst de graaf mei syn administraasje rêdt.  
 'Ik woe wol dat jo ûnder dizze kwitânsje  
 no jo hân sette, dat is dan de garânsje  
 fan ús kontrakt.' Se tekent mei har namme.  
 'Wat kinne jo noch mear as lêze, skriuwe,  
 twa frjemde talen en 't wurk dat jo bedriuwe?'  
 'Goed ite, drinke en skake,' seit se spontaan.  
 'Jo kinne jo hjir folop te'n goeden dwaan  
 oan wiet en drûch. En 't skaken, dat komt moai út.  
 Myn freon Sinis ter Minal is master yn 't spul,  
 hy spilet minlike graach tsjin jo in partij,'  
 Oe! tinkt se, tsjin in master is my te stoef.  
 Gau oer wat oars, 'k praat my de mûle foarby.  
 'Hear graaf, wat kinne jo noch mear as graaf wêze?'  
 'Ik bin dichter, filosoof en bibliofyl.  
 Witte jo wat dat betsjut?' 'Ja, jo lêze  
 en rymje en prakkesearje in protte.  
 Jo namme heart Russys, is dat ek jo komôf?'  
 'Ik bin Poals en Italjaans fan orizzjine.  
 Twa eale skaaien út de fyftjinde iuw,  
 by de heechsten is it neiteam te finen.  
 Mar wat is jo komôf?' 'Ik bin mar in wâldpyk,  
 ik haw gjin foarfaars fan hege aadlike rang.  
 Mar ik kin my wol as sjike dame foardwaan.  
 De graaf knikt har glimkjend ta, seit fierder neat, want

dêr komt Miniامي fan syn boadskip werom.  
'De keamer op oarder, yn passende steat  
foar 't ferbliuw fan madame. De koffer is brocht,  
hear graaf.' Ynienen begjint in klok te lieden.  
De doar stiet noch iepen en it galmet hol troch  
de gong. Neoromanski fearret oerein.  
'Ik moat no ús smûk twapetear ôfbrekke;  
de gasten biidzje myn kommen. Jo beurt komt noch.  
Want moarntejûn sil ik jo yntrodusearje,  
dat se jo oansjen bewûnderje kinne,  
oars treffe se jo net. Myn gasten binne  
nachtravers, sliepe oerdeis út yn har keamers  
om nachts in feestlike gearsit te begjinnen  
sa't it past foar ús lju fan eab'le rûnten.  
Foarlopich haw ik jo neat mear te bieden  
as in lúksueus fertrek, in geryflik stee.  
Dêr stiet ek in goed fersoarge teetafel ree  
mochten jo sin hawwe. 't Muoit my, wy skiede  
no. Dynte Planteit, 't wie my tige noflik.  
Miniامي sil jo nei jo keamer liede.  
Oant moarn.' Sûnder har noch in hântút of hândruk  
te jaan, inkeld in knikje, trêdet de graaf  
rêd by har fandinne de skimergong yn.

De lakei komt yn beweging, in lampion  
boppe-op syn stêf. Oft it madame beleavet  
him te folgen, hy nimt de foarstap. Yn guon  
ferwulften heart se in flau rûzemoezjen,  
it ferstommet geandewei. It lûd fuotstappen  
fan har en har foargonger troch holle romten  
giet troch. En stoppet foar in doar op in kier.  
'Hjir is jo keamer, madame,' seit de jonge  
lakei, swaait de doar iepen en lit har deryn.

It hege fertrek is weelderich ynrjochte,  
 de boel glimt yn 't skynsel fan in kroanljochter.  
 Yn 'e midden stiet in moai slanke jongfaam  
 mei kastanjebrún krolhier om in geef gesicht,  
 dy't de tippen fan har wyt skelkje justjes licht  
 en spriedt, ien foet skean achter de oare set,  
 in knikske makket, mar net ûnderdienich,  
 earder koket. 'Wol madame no kontrolearje  
 oft alles nei 't sin is, der neat net te min is,'  
 fersiket it feintsje. It ynspektearjen  
 begjint; Dynte docht in ferbaasde omgong.  
 In himelbêd mei trochsichtige gerdinen,  
 op in kaptafel stean twa sulveren skrinen.  
 In kanapee, in taboeret mei kwastkes,  
 in kommoade, in fitrine fol doaskes.  
 Hjir in kessenkast mei blommige panielen,  
 dêr in diggelkast mei stolpen en petielen.  
 Se sjocht har de eagen út. In keamerskerm  
 mei fûgels derop stiet foar in djippe nis,  
 dêr't in waskbak en in fêste baaikûp yn is  
 en in skytskjin sekreet. Yn in hoek' fan 't fertrek  
 in hurdstiennen skou dêr't in houtfjoer yn gloeit.  
 Boppe it bêd, boppe de spegel, boppe  
 de hurd, op kasten, tafels, stuollen en tegels  
 fan Neoromanski syn ego it logo.  
 Har eigen hutkoffer is oan de kant set,  
 har learskes ûnder en de klean oer in stoel.  
 Wat de graaf har ûnthjitte is ek al beret:  
 in teetafel mei alles derop en derby.  
 'Dit lit neat te winskjen oer, Miniامي.'  
 'Alles yn oarder, kinst gean, Ydillidy.'  
 seit de lakei tsjin de faam en dy jout har ou.  
 Hy bûcht. 'Dan lit ik jo no allinnich, madame,



moarnier bin ik wer fan jo tsjinst. Wyls beskou  
it hjir as jo eigen. De kaai stekt yn 't slot.  
Lit it fjoer mar gewurde, dat dôvet fansels.  
As 't jo beleavet, snute jo de kroanljochter,  
dêr stiet de stok. Moarn wurdt tafelôfhelle  
en waskwetter ferfarske. Mochten jo al  
yn ferlegenheid komme, brûk de nachtskelle,  
lûk oan dit koard. Miniami winsket goenacht.'

Hy giet fuort. Se is oan de teannen ta hol  
en set har earst ta in kostlike ynslach.  
Hite tee op 't ljochtsje, brunesûkerbrochjes,  
rezineboltsjes, stútsjes mei gimber en tsiis  
en in slachrjemmetaartsje mei mangelspiis.  
As dat beslikke is, pakt se har besit  
út de koffer, berget it op of stalt it út.  
It hingeltaske leit se op bêd. Dêrwei giet  
se nei de doar, draait de kaai yn it nachtslot.  
Hastich nei it sekreet. Se sit mei it gat  
boppe it gat, lit de wetterfal kletterje  
djip ûnder har. Sels de feltsjes húskepapier  
bin' mei de graaf syn monogram beprunte.  
Se besjocht yn de spegel eigen skiente,  
strûpt alles út, goait de hele brot oer de flier,  
pûdelt har skjin by de waskbak mei waarm wetter  
út de tsjettel fan de stoof yn it alkoof  
en wriuwet har drûch mei in doek dy't lekker rûkt.  
Har bêste nachthimd docht se oan, snút de kearsen,  
mar blaast ien neist it bêd yn in kandler net út.  
Skoot fansiden 't gerdyn, slacht op de bêdsprei,  
jout har foaroer op earmtakken en knibbels,  
telt nochris út fekjes fan 't taske it jild nei,  
leit dat yn it laad fan 't nachtkastke boppe de pot.

Dan draait se har om, lûkt tek oer har hinne  
en eaget omheech bylâns it beskot.  
De moanne snijt in ljochtfenster út de muorre,  
smyt in strekerich plak op de wand dêrfoaroer.  
't Is deastil. Se sakket wei yn in slommer.  
Skrillet rjochtoerein fan in oanboazjend lûd:  
in leech gûlen dat útrint yn in skril janken  
en dan wer fannijs oan begjint. Hûnen? Wolven!  
Se wist it: dy hâlde noch ta yn dit gea  
by 't winter as 't ûnder snie is bedobbe.  
Se leit har del, sûzjend, net mear sa oerémis,  
want 't spûkgûlen ferstilllet. Se ûntspant de lea.  
Op 't keamerskerm, by moanneljocht troch it rût,  
teantsje de kraanfûgels. De nachtkears giet út.

**L**OSE-UP fan in pear eagen dat wy al kenne:  
't gesicht fan de jongeman, dy't stikem weikrûpt,  
as ferstek'ling op de koetsslide meikaam.

Hy is sûnder ûntdekt te wurden ynslûpt  
en sit no yn de stal de fuorman te achtslaan.  
Dy leit tsjin in muorre de rûs út te snoarkjen,  
jeneverkrúk neist him, leech en ûntkoarke.  
In iiz'ren traaljestek gappet in bytsje,  
it kettingslot hinget oan in spile derby.  
De jongeman komt oerein, ûnder it hea wei,  
hy hat wachte en wachte, 't is no of noait!  
o sa hoeden slûpt er by de muorre lâns,  
nei it stek. Hy giet stil oan de sûper foarby,  
dy't inkelde in gnoar lit en dan wer foar munt sit.  
Roerlings by 't stek lâns, de skymrige gong yn,  
dan roettsjuster, hjir komt it deiljocht net mear.  
Op 'e taast fierder gean, oan wjerskanten fieland,  
de gong wurdt smeller, mar rint net dea. Mear romte.  
Wat ljocht. Hy stiet op in trijesprong, twivelt  
welke kant út te glûpen. Rjochts sil djipper  
't kastiel ynrinne tinkt er en dêrom nimt er  
dat op foar kar. 't Wurdt wer poertsjuster. Einlings skean  
oer him in glimp, in skuor njonken in steunbear  
dêr't wat deiljocht troch komt. Opnij in splitsing,  
nei koart selsberie nimt er linksôf foar diskear,  
berint in gloppe mei in heech traaljefenster.  
Oan fleisheakken hinget it lyk fan in man  
dat besnien en heal strûpt is, in yngewant  
pûlet derút, bloed driipt yn 't putsje foar ôffier.  
In momint stiet ús man beneile oan de flier,  
byt op 'e toskan, fitert werom de kant  
op fan wêr't er kaam en dan rjochtút. Hâldt stil.  
Wie dêr gelûd achter him? Ynbylding, gjin sucht.

Hy giet fierder, mar bliuwt even letter wer stean.  
Sil syn loop al ferfolgje as in gerucht  
fan stappen tichterby komt. Hy skrept om fluch  
fuort. Eaget oer 't skouder, in teisterich skynsel  
is kommendeweis, it wurdt helder. Hy makket  
skonken, ferdek bliuwe foar 't oanstoarmjend ljocht.  
Gjin ûntwyk. Dêr fielt er in hoeke, hy fljocht  
blynwei in sydportaal yn, bûkt him en saket  
yn 'e hoksen. In skrikbyld sjocht er foarbygean:  
in reus fan in kearel mei in lantearne  
en in slaaibile, dy't stamppoatsjend ferdwynt.  
Noch bliuwt er sitten yn dea-ûngerêst tinzen:  
hy moat Dynthe warskôgje foar't it te let is.  
Sûnder dat immen him dêrby trapearret  
oars nimme se him licht foar de slacht finzen.  
Fuotsje foar fuotsje koertst er op 'e taast fierder,  
de earen opskuord en gjin hân foar de eagen.  
Dêr in malkerich skynsel fan omhegen.  
Deropôf. Hy is op syn iepenst, weaget  
him tichterby. In koepel, troch pylders skoarre.  
Deiljocht falt oer de moarmerbetegele flier  
fan in grutte hal, dêr't in stiennen trep liedt  
nei in oerloop mei in tal tichte doarren.  
Achter pylders lâns, treden op, balustrade,  
glûpt er nei boppen. As er dêr even stilstiet  
neist in skurf feston op bast'rige sokkel,  
stapt út it neat om 'e hoek' in moai mokkel,  
stiet ek ferstuivere stil. Se jout gjin kik,  
de mûle healiepen, de eagen fiksearre  
op him. Har plomkebiezem giet foar in flik  
yn 'e hichte, mar de delslach bliuwt stykjen.  
Sa by him. De skaai dêr't er har mei beetkrije  
sil, hâldt by in fingergebaar foar syn lippen.

Se stean tsjininoar oer, stânbylden gelyk.  
In bats op de harsens, net mei de plumo.  
Noch foar't er him omdraaie kin, hinget er bryk.  
It liif wurdt him slop, it bewustwêzen blanko.

**W**y stappe mei Dynte yn it atelier  
fan Frou Loena. Troch fjouwer finsters ljochtfal  
fan bûten ôf oer in naaitafel op skragen.

Tsjin de muorre dêroer in toanbank mei útstal  
fan klean. 't Is hjir aardich fris, mar yn 't hurdste  
klimme de flammen fan it oanstutsen fjoer al.  
De klaaister-naaister-kostumiêre is oan 't wurk.  
Se sit mei de rêch nei ús ta, komt fan 't krukje,  
dêr't se net folle grutter mei wurdt. It mins,  
in knapskrinkel, kriemt. Se hat in soer gesicht,  
swart habyt, bleate platfuotten yn iepen skuon,  
sjocht derút as fan de strangste orde in non.  
Sûnder sprek set se ta op in iepen rût,  
dat se tichtskoot en mei in knip slút. Se keart  
har ta Dynte en seit: 'Strûp de brot no mar út.'  
'Jo kinne wol wat mear earbied foar myn klean ha.'  
'Dat liket nerges nei,' skampert Frou Loena,  
'sok goedkeap guod, net iens neffens de moade.'  
'It sit noflik, dat is my in soad mear wurdich.'  
'Jo moatte oan de graaf syn winsken foldwaan,'  
kraait bitsich it mins, 'gjin útwynsels noadich.'  
Dynte lûkt in sucht, begjint út te klaaien.  
Wylst hellet de fekke in riuwlyfke foar 't ljocht.  
'Skande! Jo drage net iens in korset!' 'Hoecht net.'  
'Dat bepale wy, de graaf en ik. Stilstean!'  
Daliks docht se it Dynte om de taille  
en skuort de rêchfiter wat langer wat strakker.  
Dynte pûst, komt yn 'e benearing te sitten.  
'Ik fersykje jo dat moardzjen te litten,  
ik haw hechte boarsten, gjin hingeltitten,  
dy hoege net optreaun te wurden.' It jout neat.  
Frou Loena giet troch en stringenearret mar ta.  
Dan strikt se de fiter, it riuwen is dien

en Dynte stiet der foar kokerjuffer by.  
 Op brede platfuotten en iepenturftrapers  
 klapsaallet it minske fluch hinne-en-werom.  
 Se hellet in izeren flechtwurk út ien  
 fan de rakken. ‘Dit is de graaf syn idee.  
 Witte jo wat it is?’ ‘Jawis,’ andert Dynte,  
 ‘in traaljekoer sûnder boaiem.’ ‘Nee, in *panier!*’  
 Se makket it foar har los om deryn te  
 stappen, gaspet it fêst om Dynte har mul.  
 Dan pakt se út in kast in útwrydske japon  
 en ferklearret: ‘Dit is in *robe française.*’  
 It stik klean is fan himelsblau streekjeguod  
 mei roze roaskes. Dynte maalt der net om.  
 ‘In *robe française*, in *robe anglaise*,  
 in *robe hollandaise*, dat makket neat út.  
 Jou my jonne mar myn *robe frisonne.*’  
 Frou Loena ferheard: ‘In *robe frisonne?*  
 Wat is dat?’ ‘In kreaze japon, in bytsje rom.’  
 Mar ’t mins, ûnferbidlik, alheel net tasjitlik,  
 beskikt: ‘Gjin sprake fan, dat hiene jo tocht!’  
 En dus strûpt Dynte de Frânse japon oan.  
 Dy stiet, lykas alle soart klaaiing, har skoan.  
 Frou Loena lûkt it stik klean strak oer de boarsten,  
 dy komme heal ta it dekolletee út.  
 Se knikt tefreden en seit: ‘No in *fichu.*’  
 Mei ’t mûlfol spjelden tusken gearprange lippen  
 stiet se foar Dynte, ploait en pripket de lape  
 fan mûselyn djip yn de halsiepening,  
 dat de titten krekt mar bedutsen binne.  
 ‘Sa is ’t goed. Ik sil it aansens deryn naaie.’  
 Se tilt de jurk oer Dynte har holle hinne,  
 och sa foarsichtich en sûnder te skaaien  
 strûpt se it klaaiingstik del oer in paspoppe.

Dat beskikke en bemikke komt Frou Loena  
 mei in wytbepeiere prûk op 'e proppen.  
 Dynte haspelt tsjin: 'Gjin prûk! Myn hier is lang  
 genôch, ik kin it sels wol heech opstekke.'  
 Se is kwarteldôf en sjendeblyn, de fekke.  
 Dynte bilet troch: 'Ik haw gjin luzen en niten,  
 ik hoech my net mei sa'n ding te bedekken!'  
 De prûk wurdt har driftich tatreau. 'It moat fan  
 de graaf. Dêr is de spegel.' Dynte besiket:  
 'As jo no sels my it hier heechoppich wine?'  
 'Fui!' snibbet it minske. 'Ik bin gjin *coiffeur*.'  
 '*Coiffeuse*,' ferbettert Dynte fyntsjes en  
 binnenmûlsk foeget se ta: 'Ferhip do, âld seur.'  
 Mar d'r foarwei kin se net, de prûk moat wol op.  
 Dan folgje de skuon. Smel, puntich, heechhakkich,  
 as pantsjes sa grut de sulveren gaspen  
 foar slútstikken. It stiet ôfgryslke kakkich.  
 Dynte kin deryn rinne sûnder te swikken  
 en dat is al heel wat. Nei it geútskyk  
 fan toai is 't passen en mjitten einlings dien.  
 'Jo kinne jo eigen ordinêr guod oandwaan,'  
 seit Frou Loena. 'O, lit it lyfke mar sitte,  
 dan hoech ik jo jûn net wer yn te riuwen.'  
 'Dêr bin' jo toch foar!?' De blik dy't se Dynte  
 tasmyt is net te beskriuwen, al makket se  
 toch tsjin it sin de fiter los fan 't riuw lyfke.  
 Swijend sette de froulju har del. It mins  
 oan 't wurk, Dynte wachtsjend op Miniامي.



**M**EI de man komme wy by, slaan de eagen op  
en besjogge alles dûbel. Twa trepsgatten,  
twa planken flierren, twa balksouderingen,  
acht wanden en twa gelikense fammen.

Hy docht de eagen wer ticht, spalket se iepen,  
sjocht dan net diznich yn meartal de dingen;  
behalven de fammen, dy falle net gear.

Noch in eachwink: it byld feroaret net mear.

Hy ken se wer. De moaikerts dy't yn ôfwachting  
oer him hinne stean, binne dy fan de plumo,  
mar doe wie it ien en twa bliuwe it no.

De harsens dogge him sear. 'Wêr bin 'k?' stint er.

De fammen knibbelje tagelyk neist him, elk  
oan in kant, om bar pratend en dan begjint er  
yn 'e rekken te krijen hoe't de saak stiet.

'Yn it toerkeammerke.' 'Wy ha dy meisleapt  
en hjirhinne brocht.' 'Oars bist net feilich.' 'Hjir komt  
gjinien.' 'Gjinien mei dit witte en foar dy giet  
it om libben of dea.' 'Doch wat wy sizze.'

'Der neat tsjinyn lizze.' 'Oars is 't mei dy dien.'

De man klaut oerein, set de rêch tsjin in kiste,  
sjocht se ien foar ien oan, freget: 'Wa binne jim?'

'Wa bisto?' 'Dat wolle wy earst ris witte.'

'Ik bin Nier Hinnebruier.' 'En wêr komst wei?'

'Djip út de Wâlden.' 'Do bist in ynstruier.' 'Wy  
ha hjir wol mear mannen sjoen, mar gjin stik as dy.'

'Wat wol' jim fan my?' 'Dat silst wol fernimme.'

'Foar ús plezier hjir hâlde.' 'Wa binne jim?'

Tagelyk: 'Ydillidy.' 'No wit ik noch neat.'

'Wy binne hjir betsjinsters en keamerfammen,  
heart it as út ien mûle. 'Mar jimme nammen?'

'Wat dochsto hjir?' 'Hoe bisto hjirsa kommen?'

'Ik bin op de slide meiriden, meigleden

sûnder dat se it witte.' 'Wa binne dy se?'  
 'Dynte en de fuorman.' 'O, UhDhBhHh.'  
 'Dy frou?' 'Ja, Dynte Planteit.' 'Dy bloedmoaie  
 blondine?' 'Dat is se.' 'Is dat dyn wiif?' 'Myn frou.'  
 'Sil sy de graaf in setsje hoes en troaie,  
 dêrby soargje dat se him syn geriif jout?'  
 'Wêrom bist har stilwei achternei reizge?'  
 'Ik fertroude it net, hie der raar praat fan heard  
 dat de boel hjir net plús is. Mar dêr woe sy neat  
 fan witte. S' is sûnder my hjirhinne gien.  
 'k Sil foar har opkomme, al wurdt it myn dea.'  
 Even stil. 'Ik hjit fan Ydil.' 'Ik bin Lidy.'  
 'Wy wurde troch elkenien Ydillidy neamd.'  
 'Gjinien kin ús útinoar.' 'Kinne jim dat  
 sels wol? Wêrom net ferskillende klean oan?'  
 'Mei net.' 'Dan krije wy mei ús boppebaas mot.'  
 'De graaf? Is dat sa'n ûnferbidlike persoan?'  
 'Net de graaf, syn húsfreon Sinis ter Minal.'  
 'Alle dagen ha wy fan syn skrikbewâld  
 te lijen.' 'Alles wat er mei ús docht, moatte  
 wy nimme sûnder kleien.' 'Hy is net mijen.'  
 'Wat docht er mei jim?' 'Wy binne krekt gelyk  
 fan bûten en fan binnen en om dat  
 fêst te stellen brûkt er ús faak foar proefkninen.'  
 'Hy sit mei buiskes en spegels ús yn it liif  
 te sjen.' 'Neffens him bin' wy hermafrodyt.'  
 'Martelt er jim?' 'Dat kinst wol sizze, hy knoeit  
 ús omraak.' 'As wy pine tefolle skine  
 litte, wurdt er duvels.' 'Hy is in wreden-ien.'  
 'Wêrom bin' jim by him bleaun en net fuortgien?'  
 'Wy ha ien kear besocht om te ûntflechtsjen,  
 mar dat is ús net slagge.' 'Dit is derfan oer.'  
 Beide fammen hâlde him de rjochterhân foar.

'Hy hat ús doe sels de pinke ôfhakke.'  
 Nier sjocht, wurdt fan it gesicht ek noch breinroer.  
 'Skande oer dy beul! En skande foar jim, mar it  
 hat jim moaiens net oantaast, net minder makke.'  
 'Ast heel goed sjochst, bemerkst in heel lyts ferskil:  
 de wûnen binne in bytsje oars tichtgroeid;  
 net folslein gelikense groeden.' 'Der hinget  
 in lyk ûnder yn 't kastiel. Is dat ek Sinis  
 syn wurk?' 'O, hast dat sjoen?' 'Nee, dy ynslûper  
 wie in gaudief, dy hat Tsym juster fongen.'  
 'Tsym, wa is dat?' 'In feint.' 'Hat dy 't lyk ophongen?'  
 'Dat sil 't wol.' 'Wy ha der net by west.' 'En 't strûpen  
 hat er ek dien?' 'Dat die lichtwol Sjimmetse,  
 de kokkinne.' 'It is troch alles hinne:  
 it bloed dript derút, de yntaast hinget derby.'  
 'Dy brûkt se foar bloedmarge en leverpastei.'  
 Nier fielt oan syn plasse. 'Wa hat my dit flikt?'  
 'Ik, mei in skeppe, moast hjir net omrinne,'  
 seit Ydil en Lidy: 'Wy sille dy no wat  
 te iten en drinken jaan, dat hast fertsjinne.'  
 'Wy litte dy no even allinnich, mar  
 pykje net út, want dan ferriede wy dy.'  
 'Dan silst bliede moatte.' 'Dan wurdsto hinge  
 en strûpt en bongelt dyn yntaast der mar wat by.'  
 De Ydillidys gean by de treppen del  
 nei ûnderen. Fuotstappegeroft hâldt op.

Hy sjocht om him hinne: dit is syn sel. As er  
 hjirút ûntsnapt wachtet him strûpt wurde en strop.  
 Toch moat er Dylte treffe, har behoedzje  
 foar 't gefaar dat se yn dit spûkkastiel rint.  
 Boppe him in âld klok, galmgatten, en balken.  
 In ein tou hinget dêrfandinne troch in gat

yn de flier, in tinner tou leit oprôle  
 en dêrneist in must gatterige sekken.  
 Foar't er ferhipt kin er him dêrmei oertrekke.  
 Ydil en Lidy fertrout er net. Dy wolle  
 miskien in boadskip oan Dynte oerbringe,  
 mar moatte him net oan oaren ferriede.  
 It trippet. Dêr komme se werom. Ien holle  
 ferskynt yn it trepsgat, dêrachter in selde.  
 Se bringe wat iten en drinken foar him.  
 'Doch it dêrmei, it is net al te folle.'  
 Se sette de libbensmiddels ticht by him del.  
 In stro, in stikje skimmelige skimmeltsiis,  
 in hompe bôle, in ammerke wetter.  
 'Dit koene wy grape, 't is net folle aaps.'  
 'De oare kear krigest lekkerder en better.'  
 Nier docht in tataast. Hy is hongereich en kniest  
 net oer it miel, mar giet mei 't twatal te praat  
 oer wat him 't meast foaroan op 'e tonge leit.  
 'Kinne jim oan Dynte teminsten net sizze  
 dat ik hjir bin?' 'Wy prate noait net tsjin in gast.'  
 'Hoe lang moat ik op dizze souder sitte?'  
 'Sa lang wy dat wolle.' 'Sa lang dyn frou hjir  
 is. As sy weromgiet, meisto ús ferlitte.  
 Do moast dan mar sjen om hjirwei te ûntflechtsjen.  
 Sûnder dat de oaren jim attrappearje  
 en keare.' 'Sille jim ús ôftocht dekke?'  
 'Witte wy noch net.' 'Mar draai ús gjin loer.' 'It giet  
 derom datsty hjir koes hâldst, oars kinst ferrekke.'  
 'Komme faak nije froulju op it kastiel?'  
 'No en dan. Nei in skoftsje ferdwine se.  
 'Oankomst en ôfreis rêde wy net mei.' 'Dat docht  
 de lakei.' 'Hjir bin' ek in soad fêste gasten,  
 de graaf hat 'n hele rûnte om him hinne.'

'Sliepers dy't oerdeis op har keamers binne.'  
 'Mar dêr komme wy net yn, dat is ús wurk net.'  
 'Wy berêde inkeld de graaf en syn froulju.'  
 Se sitte yn 't healtsjuster. De dei is dien.  
 Ljochtmoanneskyn bestruit út de galmgatten,  
 tusken balken troch, de muorren en planken flier  
 mei in mozayk fan sulverige spatten.  
 'Komme jim dus by Dynte op 'e keamer?'  
 'Om op te rommeljen en te ferskjinjen.'  
 'Is se dêr dan?' 'Soms al.' 'En oars?' 'Dan sil se, tink,  
 by de graaf wêze.' 'Hast de klap aardich ferneare,  
 gjin gat,' stelt ien fêst (it is Ydil foar 't neist),  
 syn achterholle befielend. 't Wie wol in reis  
 fan komsa mei it plat fan de skeppe.' 'It deart  
 my mear dat ik hjir opsletten sit,' oppert Nier.  
 'Wy sille foar iten en drinken riede.'  
 'Tuskentroch komme wy ek nei boppen ta  
 om by dy del te kommen foar in grutte beurt.'  
 'Foar itselde dêr't de graaf dyn Dynte foar hâldt,  
 hâlde wy dy.' Ydillidy sjocht inoar  
 oan. 'Mar wy binne jonger.' 'Hawwe mear puf.'  
 'Wy komme tenei net mear tegearre.' 'Om beurt  
 is better foar ús en foar dy.' 'Dat nimt net wei,  
 naai net út en gean net fuort. Wês net sa stom,  
 dan bist foar de dea opskreaun, dat is gjin bluf.'  
 'Wy bliuwe no net langer, opsjitte, it rint  
 nei tolven.' 'Ieremoarn sjochst ien fan ús werom.'  
 'It bêste.' Lidy en Ydil ferswine  
 yn it trepsgat, dêr't Nier syn flechtwei begjint.

Hy leit yn it tsjuster en sint derop hoe't er  
 ûntkomme kin. It tou oer in balke smite,  
 troch in galmgat krûpe en dan bûtenom?

Mar dan is er wer like fier as doe't er  
yn de bak fan de slide siet. As er earst ris  
wist wêr't Dynthe har keamer wie, soe er miskien ...  
In hoarten en skuorren, dan heidens leven,  
in alderheislikst lieden, rjocht boppe him.  
It beart as skuorde klokken en 't is der mar ien.  
't Lûde lieden wurdt sunich. De bingel slacht nei,  
it klokkelet swijt en it tou troch de flier  
op-en-dellet net mear. In skoft gjin geroft,  
dêrnei lûden fierwei. Hy heart wat gerommel  
as fan ferwaaide tonger en dan bliuwt it stil.  
Hy skikt in flierbêd fan de sekken en jout  
him del. Giet oerein. It byljen fan wolven.  
Dat hat er ek de foarige nacht heard. De lea  
befalle him, hy rekket ta in waakse sliep.  
Oeren letter in sunich kreakjen fan hout.  
Ien roppet syn gûlp en har rok los. Jout har  
langút. Plantet omkeard de flagge yn 't midden  
en byt har fêst mei in lange sûgjende tút.

**M**EI de hân op de ûnderearm fan de graaf,  
sa stapt Dynte troch healtsjustere gongen.  
Se trêdzje by pylders lâns, dêr't in argitraaf  
fan it gebou op rêst, in katakombe yn.  
Dynte is klaaid yn de *robe française*,  
mei sier en tierelantyntsjes behongen  
en se hat in moai hege prûk op de holle.  
De graaf, yn 't folste ornaat, trêdet steatlik.  
Begelieding fan 't feintsje en d'ûnhuere  
wachtrinner. Miniami marsjearret foar,  
syn grutte stêf swaiend as in tamboer-majoar,  
jaspannen in wipkjende swellesturt. Achter  
stampkroadet Felipomus, snuwend en mei  
in lantearne. Se hâlde foar de ytseal  
fan it âlde kastiel. Mei beide hannen triuwt  
Miniami de dûbele doar iepen, bliuwt  
nei in pear stappen stean en set in postuer.  
Hy pompt trettjin kear mei de stêf op de flier  
en ropt: 'Graaf Cinemato Neoromanski!'  
It rûchkâlt ferstommet, de sitters riizje op  
fan har stuollen, nimme Dynte op 'e kuer.  
De graaf giet mei syn pronkstik ta de seal yn,  
rjochts en links holleknikkend nei 't omsteand laach.  
Hy túcht nei in opstap ûnder in baldakyn  
dêr't in tafel ûnder stiet, set har teplak  
en giet dan sels neist har sitten. Krebintich  
sakje de gasten del. Se kin op har gemak  
fan har sitplak de seal oersjen. Trije tafels  
yn hoefizerfoarm en oan ien kant beset,  
fiif kroanljochters, yn alle hoeken in fjoer,  
standers mei strieblommen en acht gobelins oan  
de muorren. Rûnom is it graaflik monogram  
wer oerdúdlik te sjen. Hy jout him oerein

om har mei in koart wurd te yntrodusearjen  
'In hertlik wolkom, madame Dynte Planteit  
hjiir oan myn side, dat jo mei jo bywêzen  
ús fermidden sa'n glâns jaan wol. Ik haw sein.'  
Hy pakt syn glês. 'En no in heildronk op har.'  
De gasten prommelje, heve lytse glêzen,  
kellkjes mei in read slokje, en nimme it yn.  
It sûpke kwikkert harren sjendereach op.  
No earst hevet de graaf syn romer mei wyn  
dy't foar him op tafel stiet en nûget har út  
om te klinken. Se tikket har glês tsjin sines,  
nimt in swolchje en dan begjint it diner.  
't Foargesetsje, in pastei, fynt se gjin pree.  
It smakket wat swietich en lef. It sângongen  
miel giet fierder mei helder koalsop, bemongen  
mei fleisbûljon. Dat priuwt krûdich en better.  
'Jo sjogge der betoverjend út,' flústert  
de graaf. 'Ik fernim jo brûke hast gjin blanket  
en helendal gjin opplakte skientmeplakjes.'  
Dynte lústert: 'Dy ûntdekke jo letter.  
Ik haw in hele echtenien op myn bûk.'  
Dan wurdt in gebradentsje yn stip mei greaukes  
delset. Dat falt yn 'e smaak, 't is gau beslikke.  
Mar de rest fan 't selskip yt och sa sleaukes,  
sy hat wer skoft en sjoch de rigen bylâns.  
It binne hast allegear âldere minsken,  
as in skylfisk sa bleek, as in stokfisk sa toar.  
De froulju ûnder hege pruken, in krâns  
fan linten en strikjes derop. Of oaren  
mei punthoed en sluijer, of mûtse mei flappen.  
De manlju, ek bepruke, yn kammesoalen,  
frak, skouderkape mei oargelpiiploaien.  
Se wit net safolle fan moade. Foar de show,



mar dit sjocht se wol: net alles is rokoko.  
 Ien man is apart klaaid, hy sit wat besiden, yn wide mantel mei  
 flearmûzemouwen,  
 en op 't heallange hier in tulbân. Of en oan  
 fiterje twa folslein gelikense fammen  
 om 't iten en drinken te bringen en lege  
 skealen en pannen mei werom te nimmen  
 nei 't buffet. Is dat in twaling? Dynte kin net  
 sjen wa fan dy twa har kante keamerfaam is,  
 dy't neat seit. Beide dogge no 't swijen derta.  
 Dan giet se oer in mûdhûnemoat taset.  
 De ynfallen kalken kop fan har buorman  
 begjint te praten mei in krykkrakkerich lûd.  
 Hy is in âldomke fan de graaf en stammet  
 fan de Vespucci's ôf. 'Ik bin noch út de  
 foarige iuw. As ik sa frij wêze mei:  
 fan hokker jier binne jo?' 'Njoggentjinfyftich,'  
 seit Dynte. De man laket: 'Dat leau ik graach.'  
 Muzyk. Ien fan de gasten spilet hobo.  
 In oarenien klavesimbel. In frommes  
 yn romboarstich gewaad sjongt heel hege trilders.  
 In meager applaus. Dat wie 't yntermezzo.  
 'Ik soe graach wat mear fan 't kastiel sjen wolle,'  
 seit Dynte. De graaf stimt ta. 'Dat is te dwaan.  
 Miniامي sil jo moarn in rûnlieding jaan.  
 Mar yn guon parten meie gasten net komme.'  
 Tusken de gongen fan 't diner fertrêdzje  
 sommige iters har wat. It giet meastal  
 nei 't húske, dat koartby om 'e hoeke leit. Se  
 rinne krekt oft se houten trekpoppes binne.  
 In pear âlde roeken, bryk fan rimmetyk  
 en jicht, sjokke út en yn sicht. Allinne  
 inkele kakmadammen, yn âlderwetsk sjyk,

gean draaikontsjend hinne en komme wipgatsjend  
 werom. Ek de man mei de tulbân ferlit  
 syn sit, hy set op de graaf en Dynte ta.  
 ‘Myn sibbe freon sil him oan jo foarstelle,’ seit  
 Neoromanski. De man bûcht. ‘Madame Planteit,  
 ’t is foar my, Sinis ter Minal, in ear om  
 in skaakpartij oan te gean tsjin de dame,  
 nee, de keninginne fan ’t spul, dat binne jo.’  
 ‘Myn skaakkrêft is lang net sa grut as jowes, hear,’  
 seit Dynte. ‘Dat kin ik fan tinken wol ha.’  
 ‘Beskiedenheid siert jo, lyk as jo oantlit,  
 dat sawol meinimmend, foarnaam, as byldmoai is.’  
 ‘Tige tank foar ’t komplimint, mar ’t jout my gjin sint  
 om sterker te skaken. ’k Bin dilettante  
 wat it âlde keninklike spul oangiet.’  
 ‘Wy spylje oaremoarntenacht. Ik bin benijd.  
 It is my wier in fernoeegen, madame Planteit.’  
 Hy bûget wer, swaait in flearmûzemouwe  
 en set op syn sit oan, lang net sa houten  
 as de measten. Dan opbakte krielierappels,  
 woartels en appelsmots. Se praat in wurdmannich  
 mei de graaf, sit fierders te kak en te kyk  
 moai te wêzen. De fammen servearje glêzen  
 kristalhelder wetter en in fruchtedrankje,  
 dêrnei rustere bôle en tsiis fan ’t plankje.  
 Foar útsetter in dûb’le huningwafel.  
 Handich meitsje de betsjinsters de tafels  
 leech. Wylst de gasten sunichjes neipizelje,  
 jout de graaf him oerein en sprekt in pear wurden:  
 ‘t Wolkomstmiel foar ús bysûndere gaste  
 is ôfrûn. Dat it jim goed bekomme mei.  
 Wa’t de nacht noch útsitte wol, kin hjir bliuwe.  
 Wy gean no fuort en winskje jim fredige rêst

foar aanst.' Dynte giet der dan ek by stean, nêst  
him, en tegearre ferlitte se de seal.  
It feintsje docht foar har de doar wiid iepen.  
De graaf túcht te keamer om har te besliepen.

**D**ILLIDY lit it klok-en-hammerspul  
 fan Nier slûpe en nei't se wer wat benul  
 oer harsels hat, seit se noch neihymjend: 'Ik wol  
 hjirwei, fuort fan dit grousume rottekleaster.  
 Altyd fan Sinis ter Minal de pine  
 wer yn ús lichem en lea ûnderfine  
 Dat hat er ús hjoed alfêst oansein, de sadist.'  
 'Wêrfoar? Wat wol er mei jim dwaan?' 'Yn ús snije,  
 yn de rjochterhân, dêr't de pinke fan mist.  
 Hy wol ús wer folslein identyk krije,  
 sa't wy earst wiene, foar't er ús ferminke hat.  
 Dêrta sil er d'âlde wûnen iepenhelje,  
 dy tichtgroei litte en as de groeden  
 net helendal presiis opinoar lykje,  
 snijt er opnij, krekt salang as it plakt tichtlûkt  
 sûnder ferskil. Dat hat er ús yn 't foarútsicht  
 steld. Dêrom wol ik hjirwei, foar takom snein  
 Al wurdt it myn dea, alles leaver as dat.'  
 'En dyn suster?' 'Ydil is wat hurder as ik.'  
 'Wol dy hjir bliuwe?' 'Ik wit net. Sy nimt it noch yn  
 berie.' 'As ik it frij krij, dan sil ik dy  
 helpe om foar dy operaasje hjirwei  
 sûnder dat ien it merkt.' 'Ik gean net allinnich.  
 Dan wurdt it in hel hjir foar har. Ydil moat mei.'  
 'Ik sil jim helpe oan dy martelderij  
 te ûntkommen en jim noait net ferriede,  
 sis dat tsjin har.' 'Soest ús fierder begeliede  
 moatte, want wy wolle net wer oppakt wurde  
 lykas foarige kear. Dan hakket Sinis  
 ús de hân ôf, of noch slimmer. En de reis  
 nei it plak dêr't wy feilich binne, yn 't suden,  
 is lang en dreech.' 'Ik soe jim dêrhinne bringe  
 kinne, tagelyk mei myn frou. Lis dat foar

oan Ydil.' 'Hearst fan har, wat wy beslute.'  
'Meitsje haast, it is driuwend foar jim en foar my.'  
Lidy komt oerein, klaait har oan. Mear oandringe  
fynt Nier ûnferstânnich. 'De snert is net snert,  
smakket lekker,' seit er en nimt wer in hap  
fan de slinger om 'e leppel dy't se foar him  
meinaam hat. Hy kriget wer wat moed, lûkt de flap  
fan de broek ticht. Dynte en Ydillidy.  
Hy sil foar alle trije 't ûnheil keare.  
Meidat Lidy foarsichtich de treppen delgiet  
bliuwt Nier neitinkend achter yn heger sfearen.

**W**y folgje Miniامي syn rûnlieding  
 oan Dynte troch de gongen fan it kastiel.  
 Se binne net tegearre. Achter har in man  
 fan wa't wy heard hawwe, mar noch gjin byld krigen.  
 't Is Tsym, manus fan alles. It gesicht skyld,  
 sûnder noas, inkeld in skerp bonkerântsje  
 dat stekt út de punt fan in trijekantich gat.  
 Hy pûdeaget. Slieren swart kleverich hier dat  
 as fiterdrop slingert mei 't hastich rinnen.  
 Syn grouwélich skeind troanjemint griist har oan  
 mar se lit it har net skine en sjocht foarút  
 nei de dûnsjende lampe fan Miniامي.  
 It ljocht faget oer in tichte panieldoar  
 mei grutte C en lytse N yn reliëf.  
 Dynte bliuwt der foar stean. 'Wachtsje ris, wat is dit?'  
 'De bibleteek,' andert de lakei. 'Mei 'k deryn?'  
 'Miskien, madame. De graaf moat tastimming jaan,  
 dat kin ik sûnder syn permisje net dwaan.'  
 Fierderop ûnderweis in ûnferwachte tref  
 mei ieneach Felipomus. Hy poemelt foarby  
 en wurdt yn 't neiltsjuster fan in gloppe wei.  
 Dan rinne se it sinneljocht temjitte.  
 It komt skean fan omhegens troch finstergatten,  
 streket banen oer spitsbôgen en timpanen,  
 oer muorren fan blank stúk, in kolonnade  
 fan wite moarmerpylders yn in hege  
 koepelhal. In brede trep mei smel middenstik  
 komt út op in oergong dêr't de balustrade  
 fan ryk fersierd is. It krollet en kronkelt.  
 Ferbaasd oer dit heldere ynterieur  
 middenmank dy donkere gongen sjocht se om  
 har hinne. Sa'n dekor docht har goed, jout har fleur.  
 Hol klinke de fuotstappen troch de romte

as se oer de tegelflier op de treppen  
tasette. In dikke looper dôvet it lûd  
fan it trêdzjen op treden. Nei in omkromte  
komme se boppe. Dêr rigelje doarren  
yn listen fol ornamintyk. ‘Wat bin’ dit?  
Allegear keamers?’ wiist Dynte benijd yn it  
foarbygean. De lakei tripket fierder en swijt.  
Wat soe se graach achter sa’n tichte doar sjen.  
Se kin it net litte en lichtet in klink.  
Troch in hânbrede kier sjocht se inkeld muorre:  
de doar is in blinenien, allinnich foar sier.  
Se makket gau ticht, Tsym stiet no flak by har,  
en giet hastich Miniami achternei.  
In hoek om feroaret de boel wer ynienen:  
skurve blêden en blommen hakke yn stien, in  
rige ôfbrutsen sokkels, barsten, skuorren,  
gatten, oeral merktekens fan it ferval.  
Gjin deiljocht mear yn ’t labyrint fan spelonken,  
gongen, katakomben. In tsjuster triennedal.  
Tusken pilasters troch mei pokdobbige  
boarstbylden fan lykwite ûnbekenden  
nei in heal optakele falhek. Dêrachter,  
yn in festibule, wachtsje twa bewenden.  
Felipomus en fuorman UhDhBhHh.  
De lêste is d’ ienichste fan ’t personeel,  
behalven Miniami, dy’t wat tsjin har seit,  
al kokhalzet er oars neat as ‘Uh’ út de kiel.  
Oflossing fan de wacht. Felipomus krijt  
de lampe fan de lakei en Tsym swaaait ou.  
Dan mar wer fierder nei wat besjen lije kin,  
de opkalfatere parten fan it gebou.  
Einlings wer ljocht fan bûten. In binnenplein,  
fjouwerkantich, rûnom by de muorren lâns

in oerkapping. It is mei in laach snie belein,  
ûnbetrape, yn 't skaad fan kamielen en trâns.  
Romte! Romte! Hjir gjin neare beheining.  
Dynte kin har net ynhâlde en rint nei  
it sniekleed. Skopt de wite tekken kapot.  
Oan dizze meneuvels hellet se har 't hert op.  
No rûntsjemalt se, de snie alle kanten  
út skoppend, mei de earms swaaiend, hannen slop.  
Se wjukkelt, stiet stil, bûkt, en dan, sûnder wanten,  
stekt se de fingers yn 't kâlde suvere wyt  
en beknypt in bal. De feinten, achterbleaun  
ûnder it ôfdak, hawwe fersteld hieltyd  
dizze ûnferwachtse útbarsting fan mâljen  
folge sûnder fan har plak te kommen. Mar yn  
Miniami begjint ferlangst te wâljen  
om mei te dwaan. De earste bal rekket syn  
revers, de twadde spat op syn steek útinoar.  
Dan is de lytse lakei net mear te hâlden.  
Hy rint nei har ta, begjint ek te goaien.  
Se reitsje mekoar iderkear tichterby  
en op it lêst smite se sûnder te roaien.  
Miniami, no helendal út 'e ploai, in  
hânfol snie skeppend, springt dêrmei op har ta,  
sjippet har 't gesicht yn. Stoppet ynienen.  
Hy ferstivet, de eagen skrikwiid, seit dimmen:  
'Ekskuses, madame, foar myn respektleaze dwaan.'  
Dynte glimket. 'It wie boartsjen, Miniami,  
wy ha ús beiden goed úttjirgje kinnen.'  
'Ekskuses, madame, dat ik my gean liet.' 'Hindert  
neat, Miniami, ik bin begûn.' 'Mar as Sinis  
't oan de weet komt, wachtet my straf.' 'Watfoar straf?'  
Hy byt op 'e lippen. 'k Wit net.' Sjocht foardel.  
'Kinst derfan opoan dat ik it him noait fertel.'



‘Tankewol, madame, mar as hy dêr it ferklikt?’  
flústert er, wylst er nei Felipomus knikt.  
‘Dan sis ik, dat ik frege om ynsjippe  
te wurden, dat is ommers ek noch de wierheid.  
Sinis sil my leauwe en net wat dy feint seit.  
Wês dêr mar net bang foar, dêr stean ik foar yn.’  
Hy slacht d’ eagen op, sjocht har stilswijend oan.  
‘As Sinis dy ús sniebaljen geweken nimt,  
moatst it my sizze.’ ‘Doch ik, madame,’ seit er flink.  
Tegearre traapje se werom troch de snie  
nei ’t plak dêr’t Felipomus te wachtsjen stiet.  
Se slaan de klean ôf, stampfuotsje, sette fan ein  
foar de fierdere rûnlieding troch it kastiel.

Nei in lyts healoere is de omgong dien.  
Gastkeamers en keuken mei Dynte net yn.  
Ieneach ferdwynt, it feintsje bringt har nei ’t domein  
fan Frou Loena foar in nije moadesitting.  
By ’t ynkommen is it earste wat dy seit:  
‘Krammele, jo jak is dweil, hingje dat ding  
mar oer in stoel by it fjoer. Strûp de oare kroun  
ek út, dan kin ik daliks mei ’t riuwen begjinne.’  
Wer ûndergiet Dynte de operaasje.  
De tange docht it sûnder avensaasje  
en mei noch helte minder konsideraasje.  
As ’t geskuor op har rêch achter de rêch is,  
moat it minske der sels suver fan stinne.  
Mar Dynte hat as in ynsekt in tinne  
mil en bestiet út: kop, boarststik en achterliif.  
Frou Loena knikt tefreden en toffelt op har  
klapjende platfuotten nei de paspoppe,  
dy’t mei in lang krêmkleurich himd beklaid is.  
‘Wy sille jo diskear loftiger útrisse,’

dat hat de graaf foar dizze nacht sa beslisse.  
 Wylst Dynte it oanpast: 'Foar jo 't net witte,  
 dit is in *robe en chemise*.' Se skout  
 mei mykjend each. De japon dekt krekt de titten,  
 mar rikt ûnderoan net iens healwei de kûten.  
 'In bleat ankel is pikanter as in bleat  
 boarst,' orakelt se wis. Neat fan oan, hoe't in  
 moad'rich mins har sa fersinne kin, tinkt Dynte.  
 De mûle falt har iepen, want dêr komt de prúk!  
 In heechoppich bousel fan pipekrollen,  
 yn strûzen hingje se del, as by in strúk.  
 It griist har oan. Soe it frommes miskien te  
 bewegen wêze om dit oergean te litten?  
 'Jo kinne sels myn hier mei de kroltange  
 sette, da's folle moaier,' stelt Dynte út.  
 'Begjinne jo wer?' snibbet Frou Loena har ta.  
 'Ik bin klaaister en gjin kapster! Ik bin *tailleur*!  
 'Tailleuse,' ferbettert Dynte by de noas  
 lâns en fersuchtet djip: 'Wat in maleur.'  
 Sûnder omslach kriget se it hierkessen op.  
 De *tailleuse* beklimt in trepke, stekt in roas  
 tusken de koarketrekkers, spjeldet in lint  
 mei glitters oer it hele gefal hinne.  
 Dynte skodhollet. 'Dat bliuwt ommers noait sitten.'  
 'Wis wol, want wy beskermje it mei in *calèche*.'  
 In hoepelkape. Dynte hat goed de pest  
 oan sa'n mislik ding op 'e holle derby.  
 Noch is 't net genôch. In tin koart jaske fan sits,  
 (*caraco* seit it mins), goudbenaaide slofkes,  
 in griene mulban mei strik boppe de brits,  
 snypsnaren fan sachte swietkleure stofkes.  
 In halslint mei in kamee, in optearwaaier,  
 siden bûsdoekjes en fingerleaze wantsjes.

Frou Loena, as se mei 't fersieren klear is:  
'Sjoch ris yn 'e spegel, it stiet jo skattich.'  
Dêrom krekt, tinkt Dynte, fyn ik it sa rottich.  
Se seit neat, giet yn har *robe en chemise*  
plus pronk nei de spegel. Dêr rint de grize  
har oer de grauwe, mar se rept der net fan:  
se sil foar it jild de graaf skewiele moatte.  
Har byld de rêch takearend, seit se tsjin de frou:  
'Jûn meie jo it wer dwaan. Jo hawwe my  
optakele, takelje my no mar ou.'

Plak: de toersouder fan 't kastiel foar fisites  
oan in gegizelde, koart nei de koitus.  
Beljochting: gjin, moanne achter de wolken.  
Persoanen: Nier en ien fan de twa suskes.  
Wylst se 't sekkebêd byinoar fandelje,  
begjint Nier: 'Wy moatte no ûnderhandelje.  
Jim wolle foar takommende snein hjirwei  
mei myn help. Akkoart. Mar dan wol ik it frij  
krije om dit skûlplak no en dan te ferlitten,  
ik bliuw hjir net mei de earms oerinoar sitten  
en gean net sûnder Dynte, dy moat ek mei.  
Dat ik ek yn 't kastiel bin, moat se witte.  
Jim meie net prate, dus moat ik it sizze.  
Har gau warskôgje en op 'e hichte bringe  
fan wannear't it wêze sil en oerlizzze  
hoe't wy oan dizze deadedûns ûntspringe.'  
'Kinst har opsykje,' seit Ydil, 'nei har ta gean,  
mar begryp goed, dat is foar dyn eigen rekken.  
Asto snipt wurdst, witte wy fan neat, lit stean  
dat wy dan noch in hân nei dy útstekke.'  
'Feilich hjirwei,' stelt Nier fêst, 'is ek jim belang.'  
Se skeukt tichterby. 'In plan foar útbraak meitsje

foar ús fjouweren. 't Moat slagje, oars bin 'k bang  
 datsto hingest en wy in hân kwytreitsje.'  
 'Wêr is Dynte har keamer? Hoe kin 'k dêr komme?  
 Dit hele kastiel is sa'n tsjuster labyrint.  
 Hoe kom ik by har, dat wol 'k fan dy stomme  
 graach witte.' 'Moarnier as de deirêst begjint.'  
 'Deirêst? Wat bedoelst?' 'As de gasten op har nêst  
 lizze te sliepen, sa om-ende-by alven.  
 Fan de graaf en Sinis hast dan ek gjin lêst,  
 dy bliuwe yn 't eigen fertrek. Behalven  
 Tsym en Felipomus, dy't altyd omspane,  
 is 't tsjinstpersoneel oan it wurk op in fêst plak.  
 Miniami by de graaf, Sjimmetsje yn  
 de keuken, Frou Loena yn har atelier,  
 UhDhBhHh yn de stâl. Wy bin' dan dwaande  
 yn de puoskeuken mei 't ôfwaskjen fan de kwak  
 dy't fan 't nachtluk diner oerbleaun is.  
 Mar om ien oere middeis giet elk syn gong,  
 en ik kin dy net sizze wa't der omrinne  
 of wêr't se binne. De fêste gasten sliepe  
 troch, dat is wis.' 'Tusken alven en ienen  
 sil ik dan nei Dynte har keamer,' seit Nier,  
 'hinne-en-werom. As se my attrappearje,  
 bin ik de bloed. Ik sil jim net ferriede. Goed,  
 wêr is har keamer? Dat wol ik no witte.'  
 'As ik it útlis, soest it gau ferjitte,  
 sa yngewikkeld is it. Dêrom krijst fan my  
 in plattegrûn fan it kastiel, dy't ik foar dy  
 úttekenje sil. Dy nimt Lidy dan mei  
 as se moarn betiid op har beurt hjir wer komt.  
 Alfêst ien ding: do kinst net fia de treppen  
 nei ûnderen ta. Dan komst út yn it portaal,  
 op it slot mei in kaai. Te faai om te jaan,

dy krigest net. Silst nei ûnderen moatte  
 by 't klokketou lâns, dat rint troch nei de kelder.'  
 'Ja, skyt,' seit Nier, 'it lieden sil my ferriede.'  
 'Kinst it tou toch om in balke fêstsette.'  
 'As dan ien ûndertusken klokliede wol?'  
 'Felipomus laat altyd inkeld middennacht,  
 dy sil dêr neat fan fernimme.' 'Ha jim neitocht  
 oer hoe't it fierder moat, as wy bûtendoar  
 dit kastiel rekke binne? De bewenne  
 wrâld is wol fierste fier om te berinnen.  
 Wat sochten jim eins yn dit grizelkabinet?'  
 'Us mem tsjinne de graaf. Sinis wie der noch net.  
 Foar de flecht hiene wy tocht de slide te  
 nimmen, dy't UhDhBhHh brûkt om boadskippen  
 te dwaan. Oernacht set er ôf elke freed,  
 dat komt moai út. Mar do silst ús yn syn plak  
 dan fier fuort yn feilichheid bringe moatte.'  
 'Mei de koetseslide?' 'Nee, dizze is skurver  
 en iepen, wol twa hyns.' 'Dy slide hat genôch  
 romte om fjouwer minsken te ferfieren?'  
 'En bagaazje derby, 't is in grutte bak.'  
 'Op oere en tiid komt it oan, dat is krúsjaal,'  
 oertinkt Nier lûdop. 'En ienriedich gearwurkje.  
 Wy kinne net samar op 'e dolle rûs  
 oan 'e haal gean. Elk moat dêrta in taak ha.  
 Ik sil dy taken fan hjirwei ordonnearje  
 en de saken tagelyk koördinearje.'  
 'Jim moatte my alle ynformaasje jaan.'  
 Dat is fjildhearespraak. Sa fielt er him ek:  
 dit is syn kommandopost. 'Wy sille it dwaan,'  
 seit Ydil. 'Asto inkeld tusken alven en  
 ienen dit plak ferlitst en fierder hjir bist.  
 Hâld dy dêroan, want de keamer fan Dynte

is dan ek iepen en se leit net te sliepen,  
teminsten dat wie juster en fan 'e moarn sa.'  
Se skeuvelt tichter nei him ta, har azem  
slacht him oan. 'Foar freed moat alles foarinoar  
wêze,' seit Nier. 'As UhDhBhHh freeds fertrekt,  
wêr yn 't kastiel binne op dat stuit de oaren?'  
'De graaf yn syn keamer, Sines yn 'e seal  
by de gasten, Lidy en ik betsjinje.  
Sjimmetsje by it grut fornús yn de keuken,  
Miniami bringt de spizen fan 't trochjoulûk  
oan, Tsym is de iepen hurd oan 't stoken,  
yn de seal, mar ek yn oare fertrekken,  
Felipomus rint wacht troch de gongen en Frou  
Loena sit tink yn har atelier, dy sjochst noait.'  
'Moarnier moat ik dyn plattegrûn fan 't gebou  
ha,' bestelt Nier. 'Ik moat witte, hoe't alles rint,  
net allinnich nei Dynte har kea...' Ydil krijt  
him beet. 'Fluch, noch ien kear foar't myn nachtsjinst begjint.'

**T**USKEN de gasten yn de ytseal sitte  
wy no te wachtsjen op de graaf en Dynte.  
Trije tafels binne wer oan ien kant beset  
mei sicht op 't poadium. It hat alle skyn te  
betiid foar 't ûnhillich nachtmiel te wêzen,  
want op it damast foar ús noas stean oars net  
as aperityfkes yn lytse tsjelkglêzen.

De seal is op temperatuer. It fjoer knettert  
sûntsjes sûnder te spatten en kroanljochters  
weevje in waarme glâns oer de oansitters:

de dûkelhalzige âldfrinzige hearen  
en de tige datearre stikken fan froulju.

Mar dêr swaaait iepen de doar. Miniامي  
bedriuwt it wenstige seremonieel,  
'Graaf Cinemato Neoromanski!' en stapt  
fansiden. Alle gasten geane oerein stean.

De graaf trêdet (dat wol sizze remd rinnen)  
mei Dynte oan syn side nei 't baldakyn.

Sy yn *robe en chemise* en *caraco*,  
heech pypkrollekapsel en mei opskoarte rok.

De taskôgers krije in sichtbere skok  
fan it folslein bleate ankels en kûten

begapjen. De graaf hâldt it trêdzjen noch mear yn,  
bestiget foar har it plankier, helpt har derop.

Dynte makket hast gjin hollebeweging,  
moat suver rjochtstannich bliuwe, oars rekket  
de prûk te fier út it lead en wurdt se topswier.

Sûnder maleur slagget se op de ferheging.

Hy ûntbleatet har noch mear oer de skouders,  
en rikt syn lakei it koarte jasje ta.

De gasten litte it each net fan har ou. Op  
de tafel steane twa lege wynglêzen ree.

Hy kriget ien derfan, jout har it oare,

rjochtet him mei opstutsen kin nei 't publyk.  
 Fan achter wei komt Ydillidy nei foaren  
 mei in ûntkoarke fesse om yn te skinken.  
 Earst de graaf en dan Dynte. Fan sa tichtby  
 hat se dy bekoarlike faam noch noait sjoen.  
 Se merkt ynienen wat har net earder opfoel:  
 oan de omklamjende hân ûntbrekt de pinke.  
 Hy lit har der net langer by stilstean. 'Wy  
 sille klinke.' Heft it glês, se stjitte oan.  
 De gasten bringe de tsjerkjes nei de lippen  
 en drinke se út yn ien swolch. Opmontere  
 geane se sitten. Nei't de graaf mei fertoan  
 Dynte delset hat, harkje se benijd ta.  
 Diskear gjin yntroduksje, mar in ynstruksje.  
 Wittenskipper-gelearde Sinis ter Minal  
 sil syn aldernijste fining fertoane,  
 noch foar't it iten begjint. Oft se dêrta  
 him folgje wolle nei in oanswettend fertrek.  
 Dan sille se yn dy *camera obscura*  
 tsjûge wêze fan in wierliken wûnder,  
 in bjuster skouspul dat syn wjergea net ken.  
 Stommeljend komme de gasten oerein. Sûnder  
 útsûndering skowe se achter de graaf oan,  
 dy't mei Dynte de skodzjende staasje liedt,  
 oerallich mûskopjend as in kliber bern  
 dy't op aventoer in ferburgen grot yngiet.  
 De *camera obscura* is keal. Inkeld tsien  
 rigen stuollen, in wite muorre takeard.  
 De graaf set him mei syn koertisane del,  
 foaroan yn 'e midden, de neikommers sykje  
 in plak. Dan swaait de doar ticht, is 't folslein tsjuster.  
 Ut in buiske fan de toverlantearne  
 priemket in ljochtstriel en smyt op de muorre



foar har in grut rjochthoekich flak. It keuveljen  
 ferstommet op slach, elkenien sit strak en stil.  
 Dêr ferskynt it skaadbyld fan in krokodil,  
 fan in noashoarn, fan in liuw en in tiger,  
 in oaljefant, fan in aap, in sjiraf, in bear,  
 in gier en fan wylde beesten noch folle mear.  
 't Is in merakel, dy toverlantearne.  
 In swartwyt printeboek. Sûnder ophâlden  
 giet de swarte optocht oan de gasten foarby.  
 Dan in koart skoft, it rûzemoezjen begjint wer.  
 Dynte ferskikt wat en sjocht dat se dêrmei  
 de top fan har prûk op 't ferljochte flak set.  
 Se skoot net werom. De foarstelling giet fierder  
 mei de fertoaning fan in rige skeletten,  
 ek fan bisten. Folle deadser. Der komt gjin  
 ein oan, it begjint har no te ferfelen.  
 De graaf en de taskôgers fine it prachtich  
 nei't it skynt, sjogge mûsstil fol niget dernei.  
 Trouwens, de lju dy't rjocht achter har sitte,  
 sjogge hast neat fanwegen har hege prûk.  
 Mar se hâlde 't fatsoen, bryknekje by har lâns  
 en roppe net: 'Hee, út 'e wei dêr foaroan, bûk!'  
 As de bonkerakfertoaning foarby is,  
 folget wer in lang skoft. Ynienen kriget  
 Dynte oanstriid om har sin te fersetten. Se  
 heft de holle op. Mear fan har skaad falt yn 't ljocht.  
 Stekt de earms omheech, makket in fûgelkop  
 mei fingers en tomme, in gat foar it each.  
 Unbeskromme giet se troch. De silhûetten  
 bewege nei inoar ta en dan foardel. Twa  
 pikkende hinnen mei knikkende koppen  
 ropje de strikjes as wjirms út de hierbult  
 en litte se falle. Earst stomme ferbazing.

Dan begjint erges in besmoard hikkebikjen,  
oergeand yn deftich gelaak, djip út 'e kiel.  
Op 't lêst nimt elk oan de hilariteit diel.  
Ek de graaf komt út de ploai, nokkert manierlik,  
sa't it in hear fan de aadlike stân foeget.  
Dynte bepjukket har hiertoai. '*Silence, s'il  
vous plaît!*' In útset lûd boppe alles út.  
Op slach stilte. 't Is út mei de pret. Dêr ferskynt  
Sinis ter Minal syn holle yn 't ljocht, bûget.  
'*Merci.*' Ferswynt yn 't tsjuster achter in sket.  
It skouspul giet ûnbehindere fierder  
mei kontoeren fan kolossale bouwurken,  
dêrûnder de sân wrâldwûnders. Dynte sit net  
mear mei de hannen yn 't hier. Se hâldt har koes  
en de prûk bûten byld. Mar ûnbemurken,  
mei útstrutsen toet, sit se de opienfolging  
ferfeeld te begapjen. Nei ôfrin draait de doar  
healiepen, stommelje de gasten optein  
oerein en jouwe Sinis in steand applaus.  
Dan ferlitte se de *camera obscura*  
en hobbjelje neipratend op de ytseal ta,  
achter Neoromanski en Dynte oan.  
Einlings in streksum miel, dat liket har skoan.  
Op de tafels stiet it foargesetsje al ree:  
appelsjerp mei in *crêpe-de-Sjimmetsje-souffêe*.

**F**IF oer alven op in âld raap yn de palm  
 fan in hân. Fingers slute om 't horloazje  
 en triuwe it djip yn in bûse. Omklamje  
 in dik tou, oan in balke fêstknope. Gjin galm  
 fan klokgelûd dêrboppe. Alles bliuwt stil.  
 Fuotten slaan om de tros, dy't tusken hakke  
 en krop beknypt wurdt. Troch it tou in lichte ril,  
 dan gliert Nier nei ûnderen, oan iepen lûken  
 foarby en lannet foarsichtich op in flier  
 mei in gat. Dêr triuwt er de flappen oerside,  
 sachtsjes en mei ferdrach. Ferfolget syn delgong;  
 stiet op de skuorde estrikken fan in portaal.  
 It tou giet djipper, no moat er geandefoet.  
 In doar foar syn noas, links en rjochts in twasprong.  
 Dêrop in muorrerichel in oaljepsje.  
 Hy sit goed. Even de kaart fan Ydillidy  
 derby. Hy hellet it dokumint foar 't ljocht  
 en giet nochris nei wêr't de keamer leit fan  
 Dynte. (suchtet) Dit op, dat del, wat in gebou,  
 wêrom is it sa'n heisliken ein achterou?  
 As er tinkt dat er alles wer dreame kin,  
 ek yn it tsjuster, set er hoeden fan ein.  
 Al gau fernimt er it rammeljen fan potten  
 en pannen. Sjimmetsje yn de keuken dwaande.  
 Ydil har ynformaasje slút as in bus.  
 Hy sjit de tichte doar foarby, de heisa  
 hâldt oan, doar bliuwt ta, gjin gefaar, en glûpt fierder.  
 Blynseach, op 'e fiel, rekket er net paadbjuster.  
 Einlings in gong mei healwei twa flambouwen.  
 Dêrtuskenyn in kezyn. **DAMESFERTREK**  
 stiet op 'e boppedrompel. Hy fiert de doar oer-  
 langsum in lyts eintsje, dan fierder, iepen. Yn  
 de keamer stiet Dynte har oan te klaaien,

de rêch nei him ta. Lûdleas sil er de doar  
 slute, mar it ûntkomt him. Se skrikt fan 't klikje,  
 stiet ferstive, keart har dan om, ien en al each.  
 Nier komt tichterby, finger op de lippen,  
 't is as sjogge se inoar foar 't alderearst.  
 Dynte jout allyksa net it minste kikje,  
 ûntspant dan, suchtet en stekt de earms nei him út.  
 Earst as se inoar omearmje, komt it praat  
 tagelyk fan wjerskanten. In pear wurden,  
 mear net. Dan makket Dynte har los, docht de doar  
 op it nachtslot en troant him mei nei de hurd, in  
 plak 't fierst fan de gong. En mei in gebaar  
 dat er flústerje moat: 'Wat dochsto hjir?'  
 'Dy hjir wei te heljen foar it libbensgefaar  
 dat dy wacht.' 'Hoechst dy net oer my te ûntfermjien.  
 Ik rêd mysels wol.' 'It doocht hjir foar gjin sint.'  
 'Dat mienst mar.' 'Ik haw dy warskôge: bliuw thús.  
 Sa gau mooglik hjirwei, want it is hjir net plús.'  
 Se streaket him oer it wang. 'Haw gjin noed mei my.  
 Hoe bist hjir kaam?' 'Dy achternei reizge. Yn  
 de kofferbak fan de slide bin ik krûpt.  
 Foar de herberch te Drachten, doe't de hyns wachten  
 op it foer. Ik kaam hastich fan Oltterterp oer.  
 Dêr hie 'k heard wat der mei Wykje Ingberts út  
 De Kompenije gebeurde wie.' 'Hoe dan?' 'Dy  
 is in moanne lyn ôfreizge nei dit kastiel  
 en noait weromsjoen. In frou fan reputaasje,  
 dy't it ek mei it gat fertsjinne. Troch de  
 graaf hjirhinne helle. Gau hjirwei. No kin  
 it noch. Aanst bisto ek in lyk.' 'Hoe komst derby?'  
 'Yn de kelder, seach ik, hinget in strûpte man.  
 Dy is hjir ombrocht. Dit is in moardnersnêst.'  
 'Dêr leau ik neat fan.' 'Fielsto dy hjir noflik?'

'Dat net, mar ik kin 't wol úthâlde foar de doer  
 fan in wike. Ik wurd der bêst foar betelle.'  
 'En ik bin hjir kaam om dy op te heljen.  
 Freedtenacht naaie wy út.' 'Ik bliuw langer,  
 ik wol earst snein de rest fan myn gaazje fange.'  
 'Dan is it te let.' 'Hoe wolsto hjirwei slagje,  
 ûnbemurken en sûnder ferfiermiddel?'  
 'In slide en alles is regele mei  
 Ydillidy.' 'Prate dy twa dan al tsjin dy?  
 Ik gean net earder as snein en dêr bliuw ik by.'  
 'Fampyrs, bloedsûgers, dy't it op minsken fersjoen  
 ha.' 'Litsto dy sa bangprate? It giet hjir wat  
 nuver om-en-ta, soms krij ik de huver,  
 mar 'k hâld my oan it kontrakt.' 'Huver wêrfan?'  
 'De deadskens, it wachtsjen, it tsjuster; twa feinten  
 dy binne ûnhuer.' 'En de graaf?' 'Tige proastich,  
 fierders wol aardich.' 'Net bloedtoarstich?' 'Hoesa?'  
 'Hat er dy wolris biten?' 'Noait.' 'Ek net as  
 jim neukten?' 'Hy neukt as in hear, giet net te kear,  
 mar 't duorret alderivichste lang foar't er klear-  
 komt. Bisto hjir dan troch immen biten?' 'Ja.'  
 'Wa?' 'Ydillidy.' 'Alle twa? Wie it in  
 triootsje?' 'Nee. Om bar sykje se my stikem  
 op yn de klokketoer. Se binne behalven  
 hermafrodyt ek noch nymfomanyk.' 'No,  
 dan hast wol wurk. Tink der mar om, aanst wurdst sels  
 noch fampyr.' 'Do litsty foar in skep jild paaie  
 om hjir langer te bliuwen.' 'Dan litsto dy mar  
 salang troch dy twa moaie floaten naaie.'  
 It hat gjin doel, hy wit it, om langer op  
 har yn te praten. Se sil har net oerhelje  
 litte om earder fuort. Hy skuort de earen op.  
 Fan fierrens in dompen dat tichterby komt.

Se skrilje beiden, swije. Dynte lûkt him  
 fluch mei achter it keamerskerm en Nier dûkt him.  
 Se stoot nei de doar, bliuwt dêr yn harkhâlding stean.  
 It dompen wurdt stampen, wurdt dreunen. In bûns.  
 Snuven en smûgen. In fûst pompt op it hout.  
 'Ja, ik bin hjir!' lit se witte mei fêste stim.  
 Snuven en smûgen falt stil. Ysbaarlik gromjen.  
 Dreunen wurdt stampen, dompen. De klopgeast jout  
 him ôf. (in sucht fan ferlichting) Se geane  
 wer nei 't hurdste. 'Felipomus komt noait binnen,'  
 seit Dynte, 'mar hy kontrolearret ûnferwachts  
 as ik wol yn myn keamer bin.' 'Komsto der  
 noait út?' 'Oerdeis mei begelieding en nachts  
 mei de graaf en syn gasten.' 'Krekt in finzenis.'  
 'Dat is 't slimste. Al myn gongen wurde neigien.  
 Allinnich hjir stean 'k net ûnder kontrôle.'  
 'Dêrom, fykje út salang 't noch mooglik is.'  
 Se praat deroerhinne. 'Alles giet stipt op tyd.  
 Moarns tsien oere bringt Ydillidy it ombyt,  
 bêdopmakket en docht de keamer, middeis  
 om ienen hellet Miniami my ou  
 foar in lyts loopke troch it kastiel, of nei Frou  
 Loena om dêr healwize klean oan te passen.  
 Fiif oere bin 'k werom. De teetafel stiet  
 foar my ree mei alles derop en deroan.  
 Seis oere yn bad, dat Ydillidy dan mei  
 waarm wetter folle hat. As ik derút stap, rêdt  
 se de boel op. Dêrnei sit ik te sitten  
 of lis ik op bêd te wachtsjen tot alven  
 as Frou Loena my klaait. Middennacht komt de graaf  
 en mei him bejou ik my ûnder de gasten.  
 Dy bliuwe yn 'e seal, mar wy sette ou  
 as 't miel dien is nei syn keamer en dêr neukt

er my dan. Acht oere moarns bringt Miniامي  
 my hjirhinne. Alles giet neffens in fêst plan.  
 Nier sjocht mei nocht nei 't oerskot fan har ombyt.  
 Lytsfoer: hapkleare gebakjes, petits fours.  
 'Taast mar ta,' seit Dynte, 'ik hoech net mear.' Nier knuft.  
 Se prate sunich in set, sûnder dat ien it  
 heart en ûnferwachts op de keamerdoar huft.  
 Dan is it tiid foar it besyk om ôfskie  
 te nimmen. De pendule op de kessenkast  
 wiist oer healwei ienen. 'Moarn kom ik wer,' seit Nier.  
 'Hast my tige ferrast. Ik fiel my helte  
 better nosto tichtby my bist,' bekennt se.  
 'Wy kinne op syn lêst no freed hjir wei,' seit er.  
 'Mar snein krij ik noch tweintich dukaten der by.  
 Dy wol ik ek fange,' bringt se dêr tsjin yn.  
 Se tútsje en Nier glûpt de skimergong yn.  
 Hy koertst werom op de fiel neffens it papier  
 yn syn bûse. De keukendoar stiet healiepen,  
 gjin gerammel fan potten en pannen. Hy  
 loert om 't hoekje fan 't kezyn. Gjiniën te sjen.  
 Sil al fierder, as in ratteljend kriezen oan  
 de ein fan de gong en in swaaiende gloede  
 tichterby komt. Hy set foet oer de drompel,  
 teantet hastich troch de keuken in glop yn,  
 dêr't brânhout oploege is foar it stoken fan  
 de furnuzen. Hy ferskûlet him dêrachter.  
 In kroade rydt deryn, folge troch in man  
 sûnder noas en in frommes as in tonne:  
 Sjimmetsje yn in mouskelk maat xxxl.  
 Tsym, de tatakele man, set de kroade del,  
 de frou hinget de lantearne oan in heak.  
 Se lade de fracht út. Twa losse skonken,  
 twa earms, in romp en noch wat fleizige bonken.

As de lading lost is, kroadet Tsym daliks fuort,  
hy lit de keukendoar waachwiid iepen stean.  
De kokkinne sjocht om har hinne. Se hat  
spjalteachjes en útskuorde mûlshoeken,  
gappet nei de siken. Krekt in breedbekkikkert dy't hapt.  
Dan leit se 'n skonk út de kroade op 't hakblok,  
pakt in hakmes en begjint dêrmei omraak  
te houwen. Nier, yn spanning de kâns ôfwachtsjend  
om achter har rêch lâns te ûntkommen, ûntdekt  
neist him in bakje mei in etiketsje  
dêr't NET OM TE BRÛKEN op stiet. Fol knoltsjes  
knyflok. Mûsstil bûsket er in nustke boltsjes.  
Hy stiet ree foar de útbrek en as Sjimmetsje  
dwaande en slaande is mei de twadde skonk,  
weaget er it derop, glûpt út de gloppe  
nei de doar. Se fernimt der gelokkich neat fan.  
Dêr is er goed foarwei slagge. Hy ferfettet  
syn tocht troch ferlitten stikneare skachten  
en berint sûnder ferfelende treffens  
de twasprong mei it oaljepitsje op in neut.  
Dan is 't net fier mear nei de line yn 't portaal.  
Hy byt op 'e tosken, set him skrep, fettet  
it tou en beklimt syn ferskûl yn ien haal.



**F**ROU Loena hat gjin each foar Dynte har foarmen.  
 Wy wol. Se slacht in nau lyfke om 't bleate liif  
 en begjint te riuwen sûnder erbarmen,  
 Dy duvelstange altyd mei har geseur.  
 Dynte hâldt wer in monolooch ynterieur.  
 Mar it riuwlyfke sit fan boppen wat lossen,  
 de titten kypje alhiel út it *plastron*.  
 Dat fielt wol noflik, it jout ademromte.  
 Dan de nijste kreaasje, in kombinaasje,  
 blouson en rok, fan *crêpe-de-chine-Georgette*,  
 dy litte de earms en ûnderskonken frij.  
 Se past in pear griensiden hoazzen derby  
 en skuon mei in kettinkje om it puntnoaske  
 omheech te hâlden. Dêrnei in prûk opsette,  
 bestutsen mei in pear strûsfûgelfearren.  
 Se hoecht diskear net sa'n protte opskik mear,  
 mar al in ein bontsjaal foar de loop mei de graaf  
 troch de kâlde gongen. Sisa, Dynte is klear.  
 Se strûpt it gala út, har eigen guod oan.  
 In lyts kertier letter in klop op 'e doar.  
 Miniami en dy griis fan in Tsym steane  
 derfoar. De lakei hat syn stêf by him, de feint  
 syn omrindersljochtsje, in stoarmlantearne.  
 Trijeresom gean se nei de bibleteek.  
 By de doar mei 't monogram stekt Miniami  
 in kaai yn 't slot, draait, iepent, lichtet syn steek  
 en seit: 'Nei jo, madame.' Se giet him foar. Tsym  
 komt der net yn, hy bliuwt op post yn de gong.  
 It fertrek is grut, ljocht en heech. Fjouwer finsters  
 yn ien muorre jouwe sicht op in binnenplak,  
 de oare muorren besteane út boeken  
 op planken of yn kasten mei glêzen front.  
 Oer de flier stiet in globe yn rûn houten rak,

in trep om it lewant te beklimmen en in  
stoel as in troan, mei in lessener derfoar.  
Rûnom it monogram dat se wol ken. In  
rige fan moarmeren pylderfilosofen  
stoarret op har del. Se giet rjocht nei in finster,  
sjocht tusken spilen troch nei de winterloft,  
draait har om. Miniامي, neist de globe,  
spraat yn nûgjend gebaar de earmen en fingers.  
'Gean jo gong, madame. De graaf hat in kar klearlein  
foar it besjen of om te lêzen.' Dynte  
fangt net mei de útsochte folianten  
op tafel oan, mar docht alderearst in omgong  
it leger boeken bylâns. Oan alle kanten  
stean dikke, smelle, hege, koarte rêgen  
yn it gelid. Se lêst wat op de bannen  
yn goudprint wat deryn sit, kriget in stive  
nekke derfan. Pas dan jout se omtinken oan  
de wurken dy't de graaf foar har ree lein hat.  
Se blêdet de boeken troch, lêst in pear rigels.  
Fierste slim en wiidweidich. Se hat gjin nocht mear  
oan sok dreech spul. Miskien is de poëzij  
lichter fan stof. Se nimt 't tinstste boekje mei,  
giet op 'e troan achter de lessener sitten,  
slacht it iepen. Miniامي lit har begean.  
Under 't lêzen tस्पelt se yn 't kastje foar  
skriuwerk om, fielt in guozzefear, in papier,  
dat se ûnderdûms tefoaren lûkt yn har skoat.  
'Nij Neimakke Fers' stiet derop skreaun. Foarsichtich  
teart se it iepen. Sjocht twa gedichten. In Ingels  
en in Frysk tsjininoar oer. Se lêst:



## PHRYNE

Phryne had talents for mankind,  
Open she was and unconfined,  
Like some free port of trade:  
Merchants unloaded here their freight,  
And agents from each foreign state  
Here first their entry made.

Her learning and good breeding such,  
Whether the Italian or the Dutch,  
Spaniards or French came to her;  
To all obliging she'd appear;  
'T was 'Si, Signior,' 't was 'Yaw, Mijnheer,'  
'T was 'S'il vous plaît, monsieur.'

Obscure by birth, renown'd by crimes,  
Still changing names, religions, climes,  
At length she turns a bride:  
In diamonds, pearls, and rich brocades,  
She shines the first of batter'd jades,  
And flutters in her pride.

So have I known those insects fair  
(Which curious Germans hold so rare)  
Still vary shapes and dyes;  
Still gain new titles with new forms;  
First grubs obscene, then wriggling worms,  
Then painted butterflies.

## W Y K J E

Bline nearing paste har folslein:  
Iepen wie se en ûnbeheid,  
In frijhaven allyk.  
Keaplju losten by har lading,  
Alleman wie fan har gading,  
Fan sljocht alloai of sjyk.

Underlein en mei manieren  
Wist se frjemd ek te fersieren.  
'Kin ik jo helpe, Sir?'  
En: 'Ta jo tsjinst, Monsieur, Mynhear.'  
Ferkocht harsels sa mannichkear:  
'Kom by my yn, Sinjeur.'

Earst ûnbekend, dan swiid ferneamd  
(Troch pommeranten sels bedreamd)  
Kaam sy yn d' hegerein.  
Mei jade, pearls, diamant,  
Yn ryk brokaat en goudgewant,  
As in prinses belein.

Ik haw mear kend, dy fûgels licht,  
Se strutsen by my del, op sicht,  
En spilen moai de hoer.  
Ik haw se plôke, ien foar ien,  
Har bloed ferjûn, har fleis fersnien;  
Keal bonkerak bleau oer.

De skrik slacht har om 't hert. Se hat har deafonnis  
 lêzen. Nier hie gelyk. 't Is hjir in moardnersnêst.  
 Fan 't stik rekke, sjocht se op. Miniامي  
 dy't op en del tripket, komt tichterby. Se  
 moffelt gau it papier wei yn har wide rok,  
 knypt it tusken de billen, lêst wat yn 't boekje.  
 Hy bliuwt yn it foarbygean op in treed stean,  
 sjocht skean foardel. Se heint syn blik op. Wit net  
 oft it de brede spjalt fan de halsiepening,  
 of de smelle koof tusken de skonken jildt. Hy  
 tripket fierder nei de globe en bliuwt dêr  
 dan deidreamend en 't each op har hâldend stean.  
 Him yn 'e gaten hâldend, djippet se it fel  
 papier op, teart it dûbel en leit it werom,  
 teplak yn it kastke, sa't se it fûn hie.  
 Se lêst sabeare noch wat yn 't bondeltsje,  
 kriget it yn beide hannen en klapt it ticht.  
 Komt oerein, seit: 'Ik haw genôch sjoen en lêzen.  
 De bibleteek is wier ymposant. Lit  
 ús gean. Bring my no nei myn eigen keamer.'  
 'Sa't jo winskje, madame.' Literatuer oan kant  
 op de steapel, dy't de graaf foar har útsocht hie.  
 Se ferlitte 't fertrek. By it ljocht fan Tsym  
 syn omrinderslampke docht 't feintsje de doar  
 op slot. Dynte tuskenyn, Miniامي foar,  
 Tsym achter, ûndernimme se de weromtocht.  
 Yn har keamer stiet de teetafel al ree  
 mei it wenstige ferskaat fan liflafkes.  
 De feinten sette ôf, litte har allinne.  
 Se nimt priuwkes fan wiet en drûch. Fynt it gjin pree,  
 it tinzen sirkelt har om wat oars hinne.  
 In oere letter komt mei amers wetter  
 Ydillidy deryn en se follet it bad.

Nei't se foar de tredde kear bykipere hat,  
hellet se de tafel ôf, leit it skjinne  
servysguod mei it reau yn de diggelkast  
en giet mei it oare spul op it blêd hinne.  
Dy lit wat se ek wit noch altyd net skine  
en Dynte doar sels net goed te begjinnen  
oer wat foar har no al fêst stiet. Se stapt yn  
it dampende wetter. Har nocht oan it baaien  
is der gau ôf. En by it opnij ferskinen  
fan de faam kin se har net mear bedimje.  
'Ik wol hjirwei, sis dat tsjin Nier,' flapt se út.  
Ydillidy, de kûp útspielend, jout gjin kik.  
Komt nei har ta, sjocht har begripend oan en knikt.

**H**y leit oan Lidy (want dy is it) út te  
 lizzen wat dien wurde moat foar de útbraak,  
 sa't er dy úttocht hat. En har te befreesjen  
 oer de oangelegenheden dy't er foar in part  
 noch presiis witte moat. 'It klokketou,  
 hoe fier rint dat troch?' 'Oan de krypt ta.'  
 'Hinget it dêryn?' 'Dat soe ik dy net sizze kinne.  
 Felipomus komt dêr allinne.' 'Is de krypt  
 iepen?' 'In gat yn 'e muorre mei in trep  
 nei ûnderen. Ik haw der noch noait yn west.'  
 'Wa lizze dêr eins?' 'Haw ik gjin flau idee fan.'  
 'Felipomus moat it earste útskeakele  
 wurde. Kinst my in slaaibile besoargje?'  
 'Ik wit ien, sa swier, dy moat optakele  
 wurde.' 'In moker mei ek.' 'Ik sil myn bêst dwaan.'  
 'Dan Tsym. Foar him bin ik in flink mes fanneden.'  
 'Dat kin 'k wol besette út it laad mei reau  
 foar 't iten.' 'UhdhBhHh moat de slide  
 foarglide, mar dan? Is er gefaarlik?' 'Net bot.  
 In sûplap.' 'Soest him sa dronken as in kanon  
 fuorje kinne?' 'Ik tink it fan wol.' 'Bûten  
 rekkenje ik mei him ôf. De lêste man  
 fan it personiel: Miniami.' 'In weiten  
 fintsje. Dy falt, ast in finger útstekst, al om.'  
 'De froulju. Hoe moat ik Sjimmetsje en Frou  
 Loena taksearje?' 'Loena is in kobold,  
 sit hast altyd yn har atelier, dy falt ou.  
 Mar Sjimmetsje hat wat yn 'e bouten, is grou,  
 dy soe ús wol in set tsjinhâlde kinne.'  
 'De gasten? Wannear komme dy foar it ljocht?'  
 'Krekt nei middennacht. Dan sammelje se har en  
 gean nei de ytseal.' 'Wêr komme se fandinne?'  
 Lidy jout net daliks andert. 'Ut de krypt.'



'Ut de krypt!?' 'Ut de grêfkelder. It binne  
 ûndeaden. Se sliepe oerdeis en mije it  
 deiljocht.' 'Se binne bliuwers?' 'Allegear sibben  
 fan de graaf. Hy moat se ûnderhâlde, oars  
 wurdt er sels sa'nien. Dat hat mem ús trochdien  
 foar't se stoar.' 'Binne it fampyrs, sùgje se bloed?'  
 'Foar it iten krije se altyd in aperityf,  
 dêr wurde se libben fan, dat docht har goed.'  
 'Bite se ek? Binne se bot agressyf?'  
 'Helendal net. Mar Sinis ter Minal is hels.  
 Dy hat hjir fiif jier ferlyn syn yntrek nommen.  
 Sûnt is dy duvel sels oan 'e macht kommen.'  
 'Yn de foarnacht is de graaf yn syn keamer,  
 Sinis yn sines en de gasten yn de krypt.  
 Da's foar ús de tiid om ûnbemurken hjirwei.'  
 'Nee, dan kin net. Nei midnacht is de slide  
 pas bûten en stean de hyns yn it gerei.  
 Dan wachtet UhDhBhHh noch in set op Tsym.  
 As it fjoeroansetten dien is, giet dy ek mei.'  
 'Se gean om boadskippen. Wat slaan se eins yn?'  
 Lidy seit wer even neat. 'Liken.' 'Liken!?'  
 'Fan dieven, moardners, falskemunters, brânstichters,  
 ensafuorthinne. Se strûpe de hoven ôf.  
 De bût giet yn 't iis as se werom binne.'  
 'Bloed foar de gasten?' 'En yntaast en fleis.'  
 Nier besaut him. 'Hat Dynte dat iten en dronken?'  
 'Nee. Oan har en de graaf wurdt wat oars ynskonken,  
 gjin bloedekstrakt, mar echte wyn. Earlik wier,  
 se krijt gewoan iten.' Hy slokt ferromme.  
 'En is Sinis ter Minal ek in kannibaal?'  
 'Wit ik net. Hy drinkt 't sùpke mei, mar yt apart.'  
 'Hat er boppe langpuntige hoektosken?'  
 'Dat al. Ik haw it sjoen as er spytgnyske

wylst er mei apparaten yn ús omtyske.  
 ‘Dan is er in fampyr foar ’t neist,’ sa beslút Nier.  
 ‘Hy moat foar alles útskeakele wurde,  
 mei him kinne wy gjin risiko nimme.’  
 ‘Wy sille in ein oan syn skrikbewâld bringe.’  
 falt Lidy him by en jout him in pear slikjes  
 mei har fynskuorpapieren kattetonkje.  
 ‘Ik moat in staak fan espehout ha,’ seit er.  
 ‘Kinne jim dy besette en my besorgje?’  
 ‘In staak wol, mar espehout? Hoe sjocht dat derút?’  
 ‘t Komt fan de klapperbeam, is griisachtich wyt,  
 net alte hurd, der wurde klompen út snien.’  
 ‘O, ja,’ seit se sleau, ‘klompen, ik sil myn bêst dwaan,’  
 en begjint him dan wat fûler te besobjen.  
 ‘It is tige wichtich, sok hout moat ik ha.’  
 ‘Ydil sil ik freegje; dy wit mear, miskien.’  
 Nier bilet troch. ‘Ik bin ek noch spikers nedich.  
 In brekizer; in beitel kin der mei ta.’  
 ‘Spikers,’ kreunt se ûnder it bedriuwen troch,  
 ‘brekizer, beitel,’ salang’t de drift har ret.  
 Mar as dy saksearre is en se foar munt leit,  
 komt se ta in helder besef. ‘Spikers kin net.’  
 ‘Hoesa?’ ‘Dan moatst timmerje en dat galmet  
 troch alles hinne, al dochst it foarsichtich.’  
 ‘Hast gelyk. Ik sil it mei ’t tou dat hjir leit dwaan,  
 dan bliuwt it stil, hoech ik helendal net te slaan.  
 Ek gjin seage. In moker yn elk gefal  
 foar de lêste slach tsjin Sinis ter Minal.’  
 ‘Wy sille foar ’t wapenmateriaal riede,  
 mar kinne dy net it ûnmooglike biede.’  
 ‘No even alles rekapitulearje.  
 Felipomus en Tsym binne omstrúnders.  
 Dy sil ik persoanlik bûten gefjocht stelle,

sadat se har fierder net mear opponearje.  
Frou Loena en Miniامي fêstsette  
is genôch, mar Sjimmetse sil ik bine,  
dat se gjin kik slaan kin en en gjin fin ferreppe.  
UhdhBhHh mei 'n sneed yn 't ear is gjin partij.  
Mar de graaf moat ien fan jim beiden oer gear,  
hoe en wat sil ik noch útfiglearje.  
Sinis ter Minal is it slimste. Dy moat dea,  
sûnder weropstanning. Dat kerwei is foar my.  
De nachtmielsgasten sille ús net deare,  
as wy se mar yn de ytseal tsjinkeare.'  
'Goed santich minsken,' seit Lidy, 'in poepetoer.'  
'Fampyrs,' fersekert Nier, 'lit dy mar oan my oer.  
Moatst myn plan fan oanpak oan Ydil trochdwaan,  
'k sil har oare kear nije ynstruksjes jaan.'  
Dan is it heech tiid om te skieden. Sûnder in  
lêste triuwer trepke Lidy nei ûnderen.  
Nier bliuwt op syn plak, d' eagen waachwiid iepen  
yn 't tsjuster en hy docht noch in soad kopwurk. Troch in galmgat  
pinkelet in stjer oan it swurk.  
Einlings út it selsberie, kin er de sliep net  
mear krije, skeukt om en om. Fier oer tolven  
slommet er yn. Bûten gûle de wolven.

**F**ROU Loena, de garderobe ôfleverer,  
hat Dynte klaaid as in healbleat harderintsje,  
yn prúk en step-intsje. Har put is derút.

Se skythakket werom nei it atelier.

Madame en Miniami wachtsje tegearre  
de komst fan de graaf. Wy geane alfêst foarút

nei de seal. Toaniel en tafels yn karree,  
mar d' oanklaaiïng dêrfan is oars as earder.

Under it baldakyn op de ferheging stean  
twa stuollen tsjininoar oer oan in taffeltsje  
dêrtuskenyn. Dêrop in boerd mei stikken.

Dêrachter gjin lange oansette tafel,  
mar in grutte skildersezel mei in paniel,  
ferdiel yn swarte en wite fjouwerkanten.

Mei-inoar fjouwerensechstich. Oan spikers  
hingje mei heakjes boppe- en ûnderoan  
útseage skaakfigueren. Dêrneist in trepke.

Rjochts fan it demonstraasjeboerd stiet in leunstoel.

De gasten, 't sûpke foar har, wachtsje op de  
yntocht fan de graaf, syn húsfreon en Dynte.

Alderearst komt Sinis ter Minal troch de doar  
deryn. Hy trêdet ek; oars as Cinemato,

graaf Neoromanski: yn fearjende gong,  
by elke steatlike stap krijt de foet foar

in optriuwke. Sûnder nei de omsitters te  
sjen giet er rjocht troch de midden nei it toaniel.

Hy set him del achter de swarte stikken,  
sjocht de seal yn 't rûn, in pear eagenblikken,  
slacht dan de earms oerinoar en stoarret foardel.

't Is safier. Tagelyk draaie de hollen, ha  
gjin each mear foar him. De oandacht giet nei it stel  
dat deryn komt: graaf Neoromanski en

Dynte Planteit. Hy knikt wer nei alle kanten,

sy hoecht net, want dat dogge de strûsfearren al.  
Mar it fielt oft se troch de spitsroeden rint  
fan lju dy't tinke: 'Bist om op te fretten.'  
Al frezet se wat der har wacht, se sil de hûd  
derfoar sette. It har net skine litte, gjin  
belies jaan, ferhoop hawwe op Nier syn plan.  
De graaf giet har foar it toaniel op, Sinis  
komt út 'e stoel en makket in bûging fol swier.  
Cinemato sprekt de disgasten oan en dan  
nei 't hertfersterkinkje begjint de partij.  
Dynte mei wyt. De graaf folget fansiden,  
yn de leunstoel, it ferrin. En Miniami  
betsjinnet it demonstraasjeboerd, klimt dêrby  
iderkear op it trepke en ferhinget  
de stikken. De measte taskôgers snappe  
gjin snars fan it spul, mar fine it wikseljen  
en ferdwinen fan de figuerkes al prachtich.  
Yn 't begjin kin Dynte it noch behappe.  
't Is net mei hardersmat of sokssawat dien  
yn in pear setten. De iepening komt se sûnder  
kleanskuorren troch. Mar it kostet har wol in soad  
harsensskrabjen, want de holle stiet har net  
nei skaken, se mist dêrta konsintraasje.  
Se striidt dapper tsjin de oermacht, bûgd oer it boerd,  
tinkt sa djip moolk nei, makket gjin avensaasje.  
Sinis ter Minal set fluch, gau besletten,  
jout de stelling likernôch gjin omtinken,  
hat mei har net de minste konsideraasje.  
Geduerich, as se even opsjocht, sit er har  
oan te stoarjen, ferlûkt gjin spier, riuwt har oan  
it rapier mei de oerdwese sneed fan syn  
skerpe iisblauwe eagen. Har ferset wankelt.  
Yn it middenspul makket er koarte metten.

In frjemde stelling ûntstiet. Alle stikken  
hast op ien fertikaal en horizontaal.  
Der is gjin ûntkommen oan: mat yn twa setten.  
En toch spilet se troch oant de bittere ein.  
Ta har fernuvering sjocht er it net. Hy  
set teminsten wat oars as se ferwachte.  
Even útstel, mar se wurdt likegoed slachte.  
Fjouwer setten letter leit se har kening om.  
Se komt oerein en felisitearret him  
mei de oerwinning. Wylst se har losmeitsje  
sil út syn greep, hifket er har hân nei syn kin,  
jout har in lange ynkalde tút. In iispylk  
flymt har troch de lea. In tút fan de dea.  
Dy sil se, as se oan him net ûntkomt, skylk  
algeduerigens fiele. Se is suver bliid  
dat de graaf har besiden nimt, de earm oanbiedt  
en har fan it poadium ôf begelaat  
nei in tafel foar twa, dy't wat apart stiet,  
fier fan Sinis syn grousume oantrekkingskrêft.  
In bytsje dwyl set se har del. Cinemato  
skoot de stoel foar har oan, giet sels ek sitten.  
Under it waarmmiel prate se oer ditten  
en datten, mar Dynte yt mei lange toskên.  
Dy hat de graaf net yn 't gebit, dat seach se al  
earder. Se kin it har hast net yntinke  
dat hy fampyr is. Sa'n fatsoenlike man.  
Mar syn opsnijerij dan? En it skeinen fan  
't personiel, foar altyd mishipt? Hat er 't sels dien,  
of in oar? En 't moardzjen dêr't er fan dichte  
yn syn nijmakke fers oer Wykje Ingberts?  
Noch mear op myn iepenst wêze as ik him neuk.  
't Is tsjin myn earekoade. Mar al sjit ik der  
tweintich dukaten by yn dochs/toch? kontraktbreuk.

Sa gau mooglik hjirwei. Sinis ter Minal  
sjoch ik net wer yn de eagen, oars bin 'k ferlern.  
Duvelsgesicht. Hy sil my net kilemoarje.  
Ydillidy binne (is) drok dwaande mei  
't opskeppen en ynskinken, en 't feroarjen  
fan tafelsreau en servysguod. Dy twa tsjeppe  
brunettes, folslein identyk, sille dy Nier  
helpe har foar de dea wei te skuorren? Se  
bin' moai foar de hân, mar mei dat al, is 't wier?  
'k Hie thús nei Nier harkje moatten, doe't it noch koe,  
dan hold ik my no net de lea stikken, of soe...

'Wat stjonkst út de mûle,' seit Ydillidy,  
wylst se him loslit. 'Knyflok,' ferklearret Nier.  
'Knyflok? Wêr is dat goed foar?' 'Om fampyrs fan 't liif  
te hâlden. Se gean der net dea oan, mar mij  
it al.' 'Hoe krijst it yn 't hier, hoe komst derby?'  
'Haw ik lêzen.' 'Unsin. Knyflok, en wêrwei?'  
'Kaapt út Sjimmetsje har keuken.' 'Tink der goed om,  
aanst bist de bloed, dan snappe se dy. Bist in dief.'  
'Flean op! 'k Snap der neat fan. Op dat bakje mei  
knyflok stie: net om te brûken. Wêr dan foar?'  
'O, in soad fan de gasten ha ierferkalking.  
It soe foar de bloedsomrin helpe, mar 't joech neat;  
se waarden der allinnich mar mislik fan.'  
'Des te better, dat past prima yn ús plan.'  
'Ferjit it. Wy sille 't ommers noait by 't iten  
jaan kinne sûnder dat se 't fernimme. Nee, dan  
is der in oar probleem dat him no foardocht.  
Freedtenacht gjin gewoan gearwêzen yn de  
ytseal, mar in maskerbal yn de grutte hal.'  
'Kut,' seit Nier, 'in kink yn 'e kabel! Hiest dat net  
earder sizze kinnen?' 'Wist ik fan 'e moarn

pas. Doe hat de graaf it tsjin 't personiel sein.'  
 'No moat ik alhelendal oernij begjinne.  
 'k Hie alles goed úttocht en yn de kop fêstlein.'  
 'De hal hat ek in foardiel boppe ytseal,  
 dêr binne mear tagongs- en útfalswegen.'  
 'Dus yn 'e hal kin ús fijân mear kanten út.'  
 'Mar wy likegoed better út 'e wei krûpe,  
 achter de pilaren en yn de nissen.'  
 'Wêrom in maskerbal? Wêrom ynienen?'  
 'Altyd de nacht foar't de graaf syn dame ôfset.'  
 'Dat wit er no toch net? Of ha jim it ferret?'  
 'Wêr sjochst ús foar oan!?' spat se op. 'Asto dat  
 nochris seist, lit ik dy daliks krepearje!'  
 'Myn erchtinken is der by troch, ekskusearje.  
 Mar soe de graaf wat yn 'e smizen krigen ha?'  
 'Ik tink fan net. Hy sei noch: 'It is freed de  
 trettjinde. It leit dêrom yn 'e reden  
 dat wy it maskerbal earder hâlde as snein.'  
 'Wêrom?' 'Tafal. Trettjin is syn geloksgetal.'  
 'Hast soks wol earder meimakke?' 'In pear kear,  
 mar doe foel de trettjinde net op in freed.'  
 'Wy moatte yn alle gefallen trochsette.  
 Lit mar ris sjen wat wapenguod ast meinaam hast.'  
 Ydillidy lûkt in sek nei har ta en  
 iepen de ynhâldlike skatten derút.  
 Nier ynspekterret sekuer de wapenskatten,  
 want 't is moarntiid en helder. Hy kin it goed sjen  
 by de ljochtfal fan bûten troch galmgatten.  
 Se seit: 'De slaabile bin 'k net fergetten,  
 fan en foar Felipomus, mar dy is te swier  
 om te tûgjen en ek net stikem te pakken,  
 hy sil him misse.' 'Ja, dat hie 'k al sketten  
 doe't Lidy de oare kears dat ding neamde.'



'Ik tocht, dizze pikhouwiel dêrfoar yn 't plak.'  
 Nier besjocht mei kennerseach it slachwapen, jaknikt.  
 'Goed,' seit er, 't is lytser, mar wol effektyf.'  
 Moker en beitel krije syn goedkarring  
 en sa ek in bjuster rojaal foarsnijersmes.  
 Se pakt fierder út. 'Ik haw hjir in stok foar dy.  
 Dêr hiest om frege. Miskien is er te koart.'  
 Nier bekuert it talhout. 'Hjir kin ik neat mei.  
 'k Haw noch sa sein dat it fan in esp wêze moat.'  
 'Wat is dit dan?' 'Wylgehout.' 'Dêr wurde toch ek  
 wol klompen fan makke?' 'It hat der fan wei  
 dat dy Sinis ter Minal in fampyr is,  
 al slept er net oerdei. Hy hat boppe lange  
 punte hoektosken en drinkt ek bloed. Hy moat dea.  
 Dat kin by fampyrs allinnich mei in staak  
 fan de esp, fjirtjin tûme lang, yn de lea  
 en sekuer tusken de sânde en achtste rib  
 presiis middenyn 't hert slein, dat is wat ik wit.'  
 'Wy ha gjin ferstân fan houtsoarten,' seit se,  
 'mar sille prebearje in stik esp te jaan.'  
 'It is krúsjaal. No it operaasjeterrein.  
 Dat is feroare. Gjinn ytseal mear, mar de hal.  
 Hoe't it dêr tagiet, hasto my net útlein.'  
 'Freegje mar.' 'Alderearst oer it maskerbal.  
 Ik moat witte wa't wa is. Is elkenien noch  
 werkenber, of ferklaaie se har helendal?'  
 'Se ha inkeld in masker foar. Allegear  
 itselde. De graaf en Sinis ek. Fierders  
 gewoane klean. Pikst elkenien der samar út.'  
 'It soe moai wêze as ik my tusken de gasten  
 sûnder each te jaan bewege koe mei sa'n  
 momkape op.' 'Soe 'k net dwaan. Der binne krekt  
 fiifensantich maskers. Dy bewarret de graaf.

Hy dielt se út. Net oan it persoanjel, fansels.  
 ‘Krijt Dyntaxe in masker op?’ ‘Ja. Mar dy kipt  
 der genôch út.’ ‘Rint Felipomus de wacht  
 ûnder it bal?’ ‘Ja. Krekt as altyd.’ ‘En dy Tsym?  
 Hâldt dy him dan mei it fjoeroansetten dwaande?’  
 ‘Der komme wol tsien fjoerpotten yn de hal.  
 Hy kroadet it hout oan, hâldt it baarnende.’  
 ‘Wat docht Miniami?’ ‘Fan alles en neat, Hy  
 helpt by ’t betsjinjen of sit nei ’t dûnsjen te sjen.’  
 ‘Frou Loena?’ ‘Krekt as oars, yn har atelier.’  
 ‘UhDhBhHh?’ ‘Stiet mei slide en hyns ree  
 op Tsym te wachtsjen, oan de sydkant fan ’t kastiel.’  
 ‘Hoe lang duorret sa’n bal?’ ‘Net langer as trije  
 kertier, dan binne de measten al deawurch.’  
 ‘En gean se dan fuort?’ ‘Nee, se pizelje nei  
 by ’t rinnend buffet, dat wy wilens klearset ha.’  
 ‘Is der muzyk by?’ ‘Ja. Allinnich in draailier.  
 Dy spilet al jierren deselde wyskes.’  
 ‘Eins soe ik fanwegen de lokaasje in  
 sjitwapen ha moatte. Mar hoe kom ik dêroan?’  
 ‘De graaf syn wapenkeamer, dêr lizze se yn.’  
 ‘Is dy op slot?’ ‘Meastal. Miniami hat  
 de kaai by him. Wy hawwe der ris yn west  
 om wapens te poetsen. It wurdt no net mear brûkt.’  
 ‘Wêr is dy wapenkeamer?’ Hy teart foar har syn  
 tekene plattegrûn iepen. Ydil wiist.  
 ‘Soesto dêr ynbrekke kinne?’ freget Nier.  
 ‘Welnee. Wy krije Miniami noait safier.  
 En as dat oan it ljocht komt, is alles ferlern.’  
 ‘Dan moat ik it sûnder te sjitten dwaan,’ lûkt  
 er de konklúzje. Ydil bringt nei foaren:  
 ‘Yn in nis hinget in âld gewear. Dêr wurdt noait  
 mear nei omsjoen. Ast dêr wat oan hast, kin ik it

dy bringe. 'k Wit wêr't it is.' 'Is 't in musket?'  
 Ydillidy lûkt de skouders op. 'k Wit net.'  
 'It rammelt wol aardich en de loop is wat krûm.'  
 'Lit dan mar oergean. Dêr haw ik neat oan. No noch  
 jenever, want Lidy sil UhDhBhHh  
 dronken fuorje.' 'Of brandewyn, da's ek sterk.  
 Sjoch, (wiist) hjir leit de wynkelder mei alle drank.  
 Lidy sil dermei rêde om it him te jaan,  
 moastst it sels helje, dat docht se beslist net.  
 De kelder leit ticht by dyn wei nei Dynte,  
 dy is iepen.' 'Bliuwt Sjimmetsje ûnder it bal  
 yn de keuken?' 'Nee, dy stiet by it trochjoulûk  
 foar de befoarrieding, healwei keuken en hal.  
 Dêrsa.' Se wiist it plak op de stêfkaart oan.  
 Hy seit: 'Jimme wolle noch proviand en oar guod  
 yn de slide meinimme. Dat hat toch gjin doel?  
 It makket de slide ommers mar swierder.  
 Wat lichter dy is, wat flugger wy foarút  
 kinne.' 'Ferjit net, wy moatte folle fierder  
 as jimme. Dingen foar ûnderweis.' 'Wêrhinne  
 dan?' 'Us folk wennet yn Ukkel by Brussel.'  
 Nier sjocht ferheard. 'Ukkel by Brussel hie 'k tocht.  
 Dat is wol seis deireizen nei 't suden.' 'Dêrom.  
 Ienkear tusken ús folk, hat Sinis gjin ynfloed  
 mear op ús, bin' wy frij.' 'In fergemysk ein  
 nei it suden.' 'Foar dy hinne en werom.  
 Soest ús yn feilichheid bringe, dat hast tasein.'  
 'It is goed,' suchtet Nier, 'ik sil myn wurd neikomme.'  
 'O, ja, dit ha 'k hjir ek noch. Dyn moarnsbrochje.  
 Ik moat no fuort, dit wie in tuskentochje.'

**L**ETTER dy moarns kloppet Miniامي oan op  
 de doar fan Dynte har keamer. ‘Kom der mar yn,’  
 ropt se him ta en as er op de drompel  
 stean bliuwt: ‘Kom fierder.’ Hy klikt de doar achter  
 him ticht en komt tichterby, justjes beskromme.  
 ‘Pardon, madame.’ Se sit healbleat foar de spiegel  
 fan de kaptafel. ‘Fal del. ’t Duorret even.’  
 Se knikt nei in stoel, skean njonken har. En hy  
 giet, sûnder har út it each te litten, sitten.  
 Dynte stallet har in bytsje gapsker út. Mei  
 dúdlik fertoan fan har hoedanichheden  
 ferfettet se d’ opmaak en befreget him.  
 ‘Hat de graaf dy oer ús sniebaljen oansprutsen?  
 Want dêroer hast tsjin my letter noait wer wat sein.’  
 ‘Nim my net kwea, madame, ik haw ’t fergetten.  
 De graaf hat it sels sjoen. Hy stie foar ’n finster  
 fan in fertrek. De lûken wiene net sletten.  
 Dat hat er my ferteld.’ ‘Hy hat der net in soad  
 wurden oan smoarch makke?’ ‘Alheel net, madame.’  
 ‘Dan sil Felipomus ’t ek net ferklapt ha.  
 De graaf is in guodlike man, is ’t net sa?’ ‘Ja.’  
 ‘Wêrom wiest dan sa bang dat er ’t oan ’e weet kaam?’  
 De lakei swijt. Sit har stil te begapjen, mei  
 betoov’re blik, nei de kaptafelspegel.  
 Se freget troch. ‘Hat de graaf jim sa dearlik skeind?  
 Dy en alle oaren fan it tsjinstpersoneel?’  
 Hy komt yn trance oerein, noch neier. ‘Nee.’  
 ‘Wa dan?’ Stiet no tsjin har oan. Jout gjin antwurd.  
 Se kriget syn hân, leit dy op har boarst. ‘Sinis,  
 wier?’ Syn ja is in sucht. Se lit him gewurde  
 wylst er har djipper betaast. Hy krijt de skrik  
 as se oerein komt. Lûkt fluch de hân tebek.  
 ‘Untskuldiging, madame.’ Se jout in pear aaien

him oer de bol. 'Ik sil my fierder oanklaaie.  
 Nee, bliuw hjir mar,' as er oanstalten makket  
 om bûtenkeamers op de gong te wachtsjen.  
 Hy sit mei niget har klaaien te beachtsjen.  
 Heldere eagen, de berûzing ferbrutsen.  
 'Wêrom sa betiid?' fersuchtet se ûnder  
 it oanstrûpen fan de rok. 'Moarntenacht bal  
 yn de hal, wie de graaf syn wurd.' 't Spul oanlutsen,  
 ferfettet se: 'Wat hat dat dermei te krijen?'  
 'Frou Loena, madame, moat dêrfoar de klean fan  
 gasten fersette, begjint dêrom earder.'  
 'Hawwe dy gasten dan noait wat nijs oan?' 'Altyd  
 itselde, madame.' 'Ek gjin feestklean?' 'In masker,  
 mear net, madame.' 'Ik haw noch net iens ombyt  
 hân,' seit Dynte. 'No, fuort mar, wy sille gean.'  
 Se tinkt: as 'k mar alf oere foar Nier werom bin.  
 Miniami hipt ta de doar út, de gong yn.  
 Se fitert achter him oan. Se bliuwt stean  
 foar 't atelier. Hy bûcht, giet syn eigen gong.  
 Dynte wurdt wer behoffene troch Frou Loena.  
 Ta har ferromming wer gjin riuwlyfke diskear,  
 mar inkeld in krap wiid iepensteand festje,  
 in fiterke deryn om it byinoar  
 te hâlden. In stiif útsteand rokje, in *tutu*,  
 hoasbannen fan goudbrokaat, heech om 'e skonken,  
 in pear mei 't graaflik monogram benaaide  
 slofkes en in reachfine sjerp skean oer ien  
 boarst. Sa stiet se swietsoppich glimkjend te pronkjen.  
 It wurdt wat langer wat bleater. Juster klaaide  
 it mins har in bytsje waarmer. 'Soe it  
 sa net te kâld yn de gong wêze foar my?'  
 seit se leaf. 'Jo krije in *pèlerine* derby.'  
 De fekke hellet in skoudermantel mei bont

benaaid. 'Hoe hjit dit?' DYNTE wiist nei it fest.  
'Witte jo dat net? In *gilet immodest*.'  
Noch in tafaller: se hoecht gjin prûk. 'It hier meie  
jo sels dwaan,' beskikt Frou Loena. 'k Bin gjin *coiffeur*.'  
Dizze reis is 't passen en mjitten gau dien.  
Miniami hellet har op en konfoait  
har nei d' eigen keamer. It wachtsjen falt har swier.  
Mar se nimt wol in goed moarnsmiel, langjend nei Nier.

**F**..ok..ich..st..n..iids..a..y..ear..kom..en.’  
 Wy falle middenyn ’t mûskopjen tusken  
 Dynte en Nier, mar kinne der neat fan ferstean.  
 Skowe dêrom wat tichterby. No is ’t better.  
 Se sitte by it hurdste y n ’e hoeke  
 ûndertusken is har petear net stûke.  
 ‘Ik fiel noch de skrik fan juster yn ’t liif, doe’t ik  
 it lies. De graaf is gjin wrede man, mar wêrom  
 skriuwt er it dan?’ ‘Dichters lige de wierheid,’  
 sitearret Nier. ‘Sinis is de man fan ’t kwea.  
 De graaf net.’ ‘Ik kin net leauwe dat dy my soks  
 oandwaan wol. Mar ’t is al in skuldbekentenis,  
 dat gedicht.’ ‘De graaf is deabang fan Sinis.  
 Dêrom docht er oft hysels foar it moardzjen  
 ret. Dan kin er frij oer lichte fûgels dichtsje,  
 sûnder dat er Sinis syn oanpart te praat bringt.’  
 ‘Sa sil it sitte,’ knikt Dynte. ‘Likegoed,  
 ’t is bedriigjend. En dan noch dat maskerbal.  
 Ik moast betiid werom nei myn keamer. Letter  
 kaam de graaf sels del om it tsjin my te sizzen.’  
 ‘Hoe wie er fannacht?’ ‘Sa’t er altiten is.’  
 ‘Gjin moardsuchtige oanfallen?’ ‘Neat fan dat.  
 Hy bliuwt in hear yn alles. De fatsoenlikheid  
 sels. Al wie it neuken wer in lange sit, lis.’  
 ‘Sinis ter Minal is de man fan it kwea,’  
 werhellet Nier. ‘Hy moat de wrâld út, foargoed.’  
 En Dynte fertolket har gedachten heallûd:  
 ‘Sinis hat hjir de macht fan de graaf oernommen,  
 Cinemato Neoromanski alles  
 ôfpakt. Dy mei inkeld de skyn ophâlde,  
 soargje dat út en troch jonge froulju komme,  
 mei har pronkje en neuke, foar’t hy se ombringt.  
 De graaf hâldt him heel heaks foar syn foargeslacht.

Bylket dêrom mei syn namme: it mono...'  
 Dit staaltsje psychologysk ynsjoch wurdt abrupt  
 ûnderbrutsen troch 't stampen dat de omgong fan  
 Felipomus oankundiget. Nier giet fluch  
 oerein en dûkt him achter it keamerskerm,  
 wylst Dynte alfêst de post by de doar beset.  
 Stommeljen, rommeljen, grommeljen, bolderjen.  
 Twa hompen op 'e doar fan de dommekracht.  
 'Presint!' lit se him witte. Hy giet fierder.  
 De foarsoarchmaatregels wiene net noadich. Syn  
 pompande gong ferstommet. Dynte docht de doar  
 fan 't slot, Nier komt foar 't ljocht út syn oerboadich  
 ferskûl. De bombastyske ynterrupsje  
 oerlibbe, fetsje se de tinne tried fan har  
 yntime diskusje wer op. 'Net folle tiid  
 mear,' seit Nier, 'om alles foar moarntenacht te  
 ferhakstikjen. Dat moat, wolle wy kâns ha.'  
 'Ydillidy praat no ek tsjin my,' seit Dynte.  
 'Hjir fansels, oars dogge wy it swijen derta.'  
 'Moai. Dat makket de gearwurking makliker.  
 't Leit no even oars mei dat bal yn 'e hal.  
 Dêr is it slimmer om de gasten byinoar  
 te hâlden. Se binne net botte gefaarlik  
 mar se moatte ús net tsjinwurkje. Hie 'k mar  
 in krústeken. Mei knyflok slagget it net.'  
 'In krústeken? Wêrom?' 'Dêr binne se bang foar.'  
 'No'st it seiste. Sinis die juster gjin matset,  
 dy't in krús op it boerd meitsje soe, doe't ik  
 tsjin him oan it skaken wie. Ik tink: hy doar  
 dat sels wol, mar woe it de gasten besparje.'  
 'Goed tocht,' seit Nier, 'en goed datst it merkbiten hast.'  
 'Elkenien koe it sjen op it grutte boerd  
 dat neist ús op it poadium stie. Do moatst



dus in flink krús ha.' 'Wachtsje ris, ik wit al wat.  
 Dêrfan kin 'k sels noch wol yntiids in krús meitsje.  
 Ik moat aansen ek noch oan 'e drank reitsje,  
 net foar mysels, mar foar UhDhBhHh.  
 In stomdronken fuorman is maklik te lossen.'  
 'Ik woe dat ik mear foar dy dwaan koe,' fersuchtet  
 Dynte. 'Mar 'k bin mei hannen en fuotten bûn  
 oan 't protokol.' Nier treast: 'Hâld do it mar fol.  
 Asto de moed deryn hâldst, dochst mear as genôch.'  
 Hy tinkt lûdop: 'It soe moai wêze, as ik moarnjûn  
 ek oer in lyts fjoerwapen beskikke koe,  
 in pistoal it leafst. It makket lawaai, mar  
 foar reserve. De graaf hat in wapenkeamer,  
 dêr kom ik net yn. Miniami hat de kaai  
 by him. Mar dy tref ik noait.' 'Ik wol,' seit se.  
 'Ik sil besykje him dy kaai ôfhandich  
 te meitsjen. As it my slagget hast him moarnier.  
 Earder kin net.' 'Dat soe in grutte help wêze.  
 Ik sil dy moarn sizze, hoe't ik de taken  
 ferdiel ha. 't Sil ferrinne neffens skema.  
 De útskeakeling fan Sinis nim ik op my  
 en dy fan Felipomus en Tsym der noch by.  
 Mei de oaren hoecht net sa definityf  
 ôfreckene te wurden. Dy oerfalle  
 en bine wy sadat se ús net tsjinkeare.'  
 Hy sjocht op 't horloazje. 'No moat ik fuort.' 'No al?'  
 'Ik haw noch 't ien en oar te dwaan, dizze reis.  
 En foar ienen moat ik wer yn myn skûlplak  
 oankomme.' It ôfskie is oandwaanlik, mar wy  
 stean der net by stil. Nier ek net, want hy hat haast.  
 'Hâld dy goed,' seit er noch. 'It komt yn oarder.'  
 (Hy hat der sels in swiere mûtse oer op.)  
 Mei behelp fan syn stêfkaart oriëntearret

er him en troch tsjust're gongen navigearret  
er op de wynkelder oan. Dêr is syn stop.  
De doar hat in skoskoattel, is net op slot.  
Dat hie Ydil him al sein. Foarsichtich, it lûd  
smoarend mei beide hannen, skoot er de pinne fansiden, fiert de  
doar in eintsje iepen.

Draait, mei de bûk der tsjinoan, der omhinne  
en triuwt de doar al sa hoeden achter him ticht.  
De romte wurdt sunich ferljochte troch in pear  
flambouwen yn muorreringen. De wanden  
bylâns stiet en leit in hele drankfoarrie.

Hy jout syn eagen de kost. Set op in fetsje fan,  
op 'e rûs, tsien mingel ta. Dat moat er ha.

BRANDEWYN is skreaun op it etiketsje.

Oer de flier lizze koarken en ek lege  
krûkjes. Hy kriget ien, hâldt dat ûnder  
't kraantsje yn it spongat. Tapet it krûkje strikefol.

In koark derop. Lit de eagen nochris goed  
gean troch de kelder. Sjocht yn in hoeke tsjin  
de muorre in kastke stean mei de namme fan  
Sinis ter Minal derop. In kaai stekt út it  
slotgat. Hy draait de doarke iepen en dan  
slacht him de skrik om it hert. Boppe-yn twa  
flessen. Ien, neffens it opskrift, mei in stealtsje  
bloed fan Wykje. De oare, leech, is foar Dyntaxe  
bestimd. Har namme stiet der al op. Under  
in rige wekflessen mei Wykje har fleis.

82

Foar in amerij stiet er yn 't gat beneile,  
dan sammelt er 't ferstân en skuort de kop derby.

Hy docht it kastke ticht, bûsket it krûkje,  
jout him hurd ôf en beskoattelt de doar.

No sil er fuortdaliks, wat gefaar der ek nypt,  
tolf gongen werom hichte helje yn de krypt.

Hy berint sûnder ferfelende treffens  
in ferwulft mei in trep nei ûnderen ta.  
Dêr giet er by del. De krypt is ek ferljochte.  
Flakkerjende flambouwen teisterje in skyn  
oer de giele sânstiennen muorren en flier.  
Tsjin ien sydkant in soarte fan huningraat,  
net mei bijen. In gattige skiif is stoppe  
mei deakisten. Touwen hânsels stekke derút.  
Dêrboppe koperen plaatsjes mei nammen.  
Ien kiste stiet op in pear skammels. It lid  
leit wat bryk deroerhinne. Hy sjocht neat deryn  
as wat swarte ierde. En it falt him yn 't sin,  
dat fampyrs inkeld ta rêst komme kinne  
op in bêd fan har bertegrûn. Mar ta syn  
argewaasje sjocht er gjin plak dat him goede  
dekking jaan kin, foar't er hjir moarn Felipomus  
oermastert. En dêr kaam er foar. Hy beseft:  
gjin ûntwyk yn de krypt. Dan sil er wat oars  
betinke moatte. Hy eaget de deakisten  
bylâns en lêst de nammeplaatsjes. Allegear  
Romanski's, Neoromanski's, Vespucci's.  
Miroslav, Slavomir foar de manlju en  
Dorothea, Theodora foar de froulju.  
No falt syn each op it klokketou. It bongelt  
út in soudergat in ein boppe de flier.  
Underoan wat raffelich, sûnder knotte.  
Hy kin de langte derfan nei syn skûl skatte  
en dat bringt him ynienen op in geweldich  
idee. Lang kin er dêr net wiis mei wêze:  
in bekend oanboazjend lûd kringt op dat pas  
ta him troch. Felipomus! Alhiel yn panyk  
sjocht er as in wyld yn 't rûn. Wie er mar in lyk!  
Hy kin gjin kant út, sit as in rot yn de

falle. Hy stapt yn de lege kiste. Strûpt  
 by it deksel lâns, jout him del, makket him lyts  
 en wachtet yn tûzen noeden ôf wat der wankt.  
 De reus plûmpt by de treppen del. Hy bliuwt dan  
 stean op de ûnderste treed. Begnúft de krypt  
 mei 't iene each, flikkerjend yn it flakkerjend  
 ljocht fan de flambouwen. In ûnbidich skaad  
 strykt oer de muorren, mar it komt net tichterby.  
 Nier, deabenaud yn de deakiste, sjocht dat  
 net. Felipomus gnoarret, dat lûd heart er al.  
 Noch in lêste snoarkse ieneachweiding en hy  
 giet werom. Dat heart Nier ek. Noch foar't de galm  
 fan de wachtrinder alheel weiwurden is,  
 ferrizet er út it grêf, fljocht by de treppen  
 op nei de útgong. Syn ferstân is wer helder.  
 Hy slacht krekt de oare kant út as de wacht,  
 komt mei in grutte ombocht by de twasprong  
 mei it oaljepitsje en rikt nei de kaai,  
 dy't Ydillidy op de neut dellizze soe.  
 Ofsprutsen wurk. Dat er mei minder lijen  
 flugger ta syn klokkekeamer komme koe.  
 De kaai leit teplak. Dat jout him fertrouwen  
 yn de gearwurking oan 't hele ûndernimmen.  
 Hy rint nei it portaal, ûntslút de doar, bringt  
 de kaai werom. Ydillidy sil aansent  
 de boel hjir op it slot dwaan. Sûnder te klauwen  
 yn 't klokketou giet er no oer iepen treppen  
 nei boppen. Dêr bedarre, hâldt er gjin skoft.  
 Hy begjint mei de âld kiste te skreppen,  
 dy't al dy tiid ûnnut op de souderflier stie.  
 It driuwt. Net langer wachtsje, want it is noch ljocht.  
 Hy krijt de beitel en wrikt de plankjes los.  
 Syn wurkstik moat fierhinne klear foar de nacht.

**T**RETTJIN tikken fan de stêf op de stiennen flier.  
 ‘Graaf Cinemato Neoromanski!’ Syn komst  
 wurdt mei in útset lûd troch Miniami  
 oankundige. Dêr ferskynt er, stiif en strak,  
 oan de linkerkant fan Dynte. Set de trêd nei  
 it poadium en sprekt dêrwei de oanwêzigen  
 oan. It universeel sjeny Sinis ter  
 Minal sil sa daliks in foarstelling jaan  
 mei syn útfining: de *laterna magica*.  
 Dat sil heevje yn de *camera obscura*.  
 As, nei de heildronk, de gasten him folgje  
 wolle, sille se tsjûge wêze fan in  
 útsûnderlik skouspul. Nei ’t wenstige swolchje  
 giet it yn in guozzemars op de tsjustere  
 sydkeamer ta. Dêr stean wer rigen stuollen  
 opsteld, krekt-en-gelyk as twa nachten lyn.  
 Ditkear is in wyt lekken foar de muorre spand.  
 Dat is it doek, dêrhinne draaie de hollen  
 as elkenien sit. Sinis sels, weikrûpt yn  
 in ticht hokje, betsjinnet de apparatuer.  
 Gâns in ferbettering. ’t Ljocht is folle skeller  
 en it byld in stikhinne skerper. Foar de duer  
 fan de foarstelling bliuwt er ferburgen foar  
 it publyk. Inkeld syn stim út it hokje  
 fertelt wat te sjen is op de bylden yn kleur.  
 Underwilens skoot er beskildere gleskes  
 troch ’t apparaat, oan ien wei, sûnder bekeur.

In trochrinnend ferhaal: REIS TROCH DE SKIEDNIS.

De nachtmiesgasten fine ’t prachtich. Mei stomme  
 ferbazing begapje se ’t keunststik fan Sinis.

It begjint mei in tafreel fan in stel lju  
 yn dierefellen, dat oandriuwt op flotten.

‘Bataven sakje de Rijn ôf,’ is ’t wurd dêrby.

Op 't folgjende byld, yn in tsjerke, fertoane  
 har in knibbeljende man en in steande.  
 'Karel de Grutte wurdt ta keizer kroane.'  
 is de betsjutting. Op 't wite doek leit dêrnei  
 in man, in swurd yn 't boarst stutsen, yn in poel bloed  
 neist in hynder. 'Greve Floris de Fiifde troch  
 edelmannen fermoarde.' En op sa'n foet  
 giet it fierder. In man yn deftich swart, stive  
 molekraach, mei in klotske op, sit yn in boek  
 te lêzen. 'Willem Beukelsoan fan Bierfliet  
 fynt it hjerringkaken út,' is 't kommintaar.  
 Dan komt in man op in kaniel yn de woestyn.  
 'Columbus ûnderweis nei Amearika,' seit  
 Sinis. Op it skerm stiet no in yndiaan  
 foar syn wigwam. 'Willem Barendsoan by  
 it Behâlden Hûs op Nova Zembla,' klinkt it út  
 it sprekkershokje. In man hâldt in tamakke  
 hjerring oan it sturtsje omheech. 'Christiaan  
 Huygens fynt it slingeroerwurk út.' Dan in  
 Noarman op syn drakeskip, it ljochte hier los  
 wapperjend yn de wyn. Oer skomkoppe weagen  
 stoarret er nei de kust: brânende huzen  
 en flechtsjende minsken. De eksplikaasje:  
 'Frederik Hendrik belegert 's-Hertogenbosch.'  
 It giet fierder mei faasje. Fjouwer seeskippen  
 foar anker yn in tropyske baai. Brune  
 ynlanners farre yn boatsjes der nei ta.

86

'Houtman en De Keyzer op de ree fan Bantam.'  
 In skilder mei in palet op in trepke foar  
 in grut doek. 'Rembrandt van Rijn mielt De Nachtwacht.' No giet it  
 goed, sûnder lekken en brekken.  
 Byld en lûd rinne lykop. (Wiene de gleskes  
 yn 't tsjustere hokje faaks trochinoar rekke?)

'Johan Willem Friso ferdrinkt by Moerdyk,'  
is de útsetter. Noch neigenietsjend komt  
it publyk oerein. En noch ûnder de yndruk  
sykje se 't fêste plak achter de tafels op.  
De graaf, op it poadium mei Dynte en  
syn neiste sibben, dy't se in bytsje ken,  
nimt har de skoudermantel ôf, ûntbleatet har  
as wie se in stânbyld. Se bliuwt foar har út sjen,  
sittend neist him by tafel. It personiel  
is drok dwaande. De beide Ydillidys  
betsjinje, Miniامي hellet de spizen  
by it trochjoulûk wei, Tsym stookt de fjurren op  
en Felipomus kroadet op stampoaten  
troch de seal. Dynte is mei harsels bezich.  
Hoe't it moarn beteare sil, dêr sit se oer yn.  
Ydillidy servearret it oksesturtsop  
foar har en de graaf. Har tafelhear oan de  
rjochterside draait de holle nei har ta.  
't Gesicht hinget him tusken twa trochskinende  
grutte flapearen. Wylst er in bonkje ôfbyt,  
bûcht er fierder oer en seit: 'Jo eagje wat  
langer wat begearliker. *Bon appétit!*'

**F**REED de trettjinde. Moarntiid. Hy sit mei Lidy  
 op de toersouder. Se leit him in stik hout foar.  
 Hy falt út: ‘Ferdomme noch ta, dit is flear!’  
 Se sjocht wat ferstuivere. ‘Kinst it sels net  
 útskykje, ast sa aansens nei Dynte ta giest?’  
 ‘Ik moat esp ha,’ seit er foar de safolste kear.  
 ‘Yn it houthol lizze genôch takken en  
 prikken. Dy brûkt Tsym foar it fjoeroansetten.’  
 ‘Kinne jim dêr net in goeienien weipakke?’  
 ‘Wy ha gjin ferstân fan hout en it is te fier  
 foar ús om dêrhinne. Dêr komme wy noait  
 ûngemurken.’ ‘Wêr is ’t houthol?’ suchtet Nier.  
 Har wiisfinger tipt de kaart oan. ‘Is Tsym dêr faak?’  
 ‘Net oerdeis, meastal jûns.’ Hy jout har it krûkje.  
 ‘Dit is foar UhDhBhHh. Sis net, dat it  
 nei him ek te fier en te slim is foar jim.’  
 ‘Ik krij it wol safier, dat er him in rûs sûpt,  
 dêr kinst op oan.’ Nier seit: ‘Wy ha it noch net hân  
 oer de taakferdieling en it tiidskema.  
 Harkje goed, want ik sjoch dy net earder wer  
 as fannacht. Dan giet it sûnder te praten ta.  
 Elk docht syn wurk yn stilswijen, neffens opdracht.  
 Earst rêdst mei de fuorman en dan mei dit krús.’  
 In gebaar nei de muorre, dêr’t twa lange  
 latten by opstean. Makke fan kisteplankjes,  
 mei tou omwûn en oaninoar bûn. De koartste  
 latte hat er noch net dwars oan de langste  
 fêstset, want dan koe it krús net troch ’t trepsgat.  
 ‘Sadree’t it dûnsjen dien is, moatsto de gasten  
 byinoar driuwe en yn de hal tsjinhâlde.  
 Se sille dy neat dwaan. Dit krús jaget by  
 har de skrik deryn. Op in teken fan my  
 setst it krús yn de hal, oan ’t begjin fan de gong



nei de bûtensyddoar en komst ús achternei.  
 ‘Begrepen,’ knikt Lidy. ‘Wêr helje ik it  
 krús wei?’ ‘Ik sil it om ’e hoeke sette  
 by de ûnderste trep. Dan hoechsto it net fan  
 boppen te heljen.’ ‘En wat noch mear?’ freget se.  
 ‘Dat is alles. Ydil sil Miniami,  
 Frou Loena en de graaf foar rekken nimme.  
 Dynte sels kin ûnder ’t dûnsjen neat begjinne,  
 mar dy sil ik myn ynstruksjes foar dêrnei jaan.  
 Ik sil earst mei Felipomus ôfweevje,  
 dan mei Tsym en Sjimmetse. En as it bal  
 ôfrûn is mei dy duvel Sinis ter Minal.’  
 ‘Wêr moatte wy ús guod, dat wy foar ûnderweis  
 nei Ukkel byinoar socht hawwe, litte?  
 Twa plonjesek fol.’ ‘Bergje dy mar salang  
 út it sicht by de syddoar. Dat is myn saak net,  
 dat moatte jim witte.’ Se krûpt him ticht oan. ‘Ik woe  
 dat it foarby wie.’ ‘Ik ek.’ ‘Wy sille it  
 bêste mar hoopje.’ Se komt starich oerein.  
 ‘Oant sjen. Miskien ...’ ‘No moattst gean. Wy rêde it fêst.’  
 Se bliuwt noch even stean. ‘Eins dogge wy ek noch  
 wat goeds. Wy ferlosse de graaf fan it kwea.  
 Fan de flok dy’t al sûnt fiif jier op him rêst.’  
 ‘Sa is it mar krekt,’ falt er har begripend by.  
 ‘Do hast my al ferteld, hoe’t it hjir earst tagong.  
 Dat Sinis him mear en mear nei de macht krong,  
 ’t kastiel waard wat it no is: in moardnersnêst.’  
 En hy seit, foardat se nei de bedelte set:  
 ‘O, lis de kaai achter it pitsje op de neut.’  
 ‘Wat is in neut?’ freget se. ‘Witsto dat net?’  
 ‘Noait fan heard.’ ‘Ik ek net. Ik haw it lêzen.’  
 ‘Wat is it dan?’ ‘Dêr’t it oaljepitsje op stiet.  
 Dat útstekkende stikje muorre.’ ‘O ja, dat.’

'Lis dêr de kaai.' 'Ik gean al.' Se docht de died  
by 't wurd. Hy begjint oan syn moarnsitenspot,  
wylst Lidy, fol fan kopsoargen en foarnimmens,  
mei it brandewynkrûkje nei ûnderen giet.

**A**s Miniami by har syn opwachting  
 makket, sit Dylte op it taboeretsje,  
 mei de skonken útinoar, by de kaptafel.  
 'Kom mar, jonge,' as er noch in setsje stean bliuwt,  
 nei har amper bedutsen lichem stoarret.  
 Se giet stean, kriget him by in earm beet en  
 lûkt him ticht tsjin har oan. Dan duorret it net lang.  
 Hy betaast har boppe, ûnder en tuskenyn.  
 Se makket temûk him de broek los, begjint  
 te lûken. Underwilens giet se him mei  
 de oare hân achter de rêch lâns ta de bûse  
 fan syn flipjas en fisket nei kaaien. Dêr hat  
 se byt! Fjouwer stik. Se djippet foarsichtich  
 ien op. In kaartsje hinget deroan. Se lêst:  
*studearfertrek*. Dat is de ferkearde. Se moat  
 wer ta de bûse. Se lit de kaai by de rest  
 glûpe en kriget in oarenien. Wer mis.  
 It kaartsje fernijt dat it de kaai foar it  
*atelier* is. Foar de tredde kear gliert har hân  
 foarsichtich yn de bûtenbûse. Wer in strop.  
 De eigen keamer, *damessuite* stiet derop.  
 Noch ien kâns, it moat de fjirde kaai wêze.  
 En ja, hoera, *wapenkeamer* is te lêzen  
 op de label. Se stopt de kaai wei op de fiel  
 ûnder de plússitting fan de taboeret.  
 Dy put is derút. Om har hoecht it net mear.  
 Mar se lûkt troch. Miniami is noch net klear.  
 It duorret wol lang. Hy is toch hast folwoeksen?  
 Se kin net oant Sint-Jutmis op-en-delje.  
 Hy is gjin bern mear. Of kin er 't net helje?  
 Dêr is it dan. Hy draait mei d'eagen, fersloppet.  
 Se hâldt him noch even fêst, lit him bykomme,  
 makket syn gulp ticht, langet him de steek oer,

dy't op 'e grûn fallen is, giet sels sitten.  
Hy fatsoenarret fierder himsels, wylst Dynte  
har opmakket en oanklaait. Hy sjocht wat wazich,  
hat syn tinzen der noch net helendal by.  
Se giet dei de doar, freget him: 'Sille wy?'  
Hy sjit yn postuer, nimt syn stêf en de foarstap  
en laat har mei rêde stapkes nei 't atelier.  
De klean hawwe diskear hast neat om it liif.  
Noch minder as juster. Inkeld in topke  
en in tin swart strinkje mei sjarretels. Foar de  
staasje nei de hal dêroerhinne in lang klaad  
fan dûnkerblau brokaat, mei gouden moanne  
en stjerren benaaid. 'Keningin fan de Nacht.'  
It kin Dynte net in protte skele, hoe't se  
derby rint; se hat no oare besonjes om  
de holle. Ek gjin prûk. Se mei 't hier sels dwaan.  
Yn elk gefal: sûnder prûk en sûnder klaad  
is goed, as se op de flecht nei bûten rûtse.  
Frou Loena seit noch tsjin Dynte, dat se it mom  
foar it bal no net krijt. Dat sil se jûn jaan,  
foar't de graaf har nei de hal beselskippet.  
Dêrmei is de hele oan- en útklaaijerij  
achter de rêch. In kertierke letter hipket  
Miniami foar har út nei har keamer  
en levert har oer oan Ydillidy, dy't  
sakrekt de rynske moarnsbrogge servearre hat.  
Madame en de faam sizze noch neat. Gjûn teken  
fan begryp. Mar beide stekke de earen  
wol op om wis te wêzen dat de lakei  
him fier genôch ôfjûn hat en dat gebaren,  
dy't de komst fan Felipomus oankundigje,  
net troch de gongen klinke. Se geane by 't  
hardstee stean, nei't Dynte de doar op it slot

dien hat. 'Ik moat fan Nier midden ûnder 't bal,' seit  
 Ydillidy, 'mei Miniامي ôfweevje.'  
 'Wa haw ik eins foar?' wol Dynte earst witte.  
 'Ydil. Ik sil him fêstbine en in prop  
 yn 'e mûle triuwe, dat er gjin kik jaan kin.  
 Mar ik moat him al dumpe op in plak dêr't er  
 net gau troch oaren sjoen wurdt. Dat sil 'k moai hjir  
 dwaan kinne, yn dizze pronkkeamer, wêr't er,  
 dat wit ik, sels in kaai fan yn 'e bûse hat.'  
 'Pak him net al te hurdhannich oan,' seit Dynte.  
 'Dat soe my begrutsje.' Ydil: 'Frou Loena  
 is makliker. Dy slút har nei it klaaien  
 sels altyd yn 't atelier op, fier fan de hal.  
 Ik hoech allinnich de kaai, dy't Miniامي  
 ek by him hat, yn it slot te draaien.'  
 'Silsto ek de graaf ûnder hannen nimme?'  
 'Dat is myn taak.' 'En hoe wolst mei dat gefal oan?'  
 'As hy him mei jo ôfsûndert, de hal útstapt,  
 nei syn keamer giet, sil 'k jim achterfolgje.  
 En sadree't jim dêr binne, slaan ik myn slach.  
 Ik sil him ek fêstbine en mûldea meitsje,  
 mear net. Underwilens krijt Sinis syn gerak  
 fan Nier. Dêrnei moatte wy gau fuortreitsje.'  
 'Ik begryp, elkenien krijt in gelikens  
 masker op. Hat dêrby de wenstige klean oan.  
 Mar wêrom moat ik wer yn wat oars omstappe?'  
 'Dat hat hjir by maskerbals altyd sa west.'  
 'Wurde dy dan ek geregeldwei holden?'  
 'Alle moannen, foar't ien fan de gasten fertrekt..  
 It bal is in soart fan ritueel foar de graaf.'  
 'Hoe'n masker krije wy op? In moai siden  
 of sa'n healwizenien as by 't karnaval?'  
 'In flearmûsmasker, 't is ommers flearmûzebal.'

‘Flearmûsmasker!?’ ‘De graaf hie eartiids in wapen.  
Dêrop stie in flearmûs mei lauwertûke.  
Fan Sinis mocht er ’t blazen net mear brûke.  
Allinne syn monogram. Ik moat no gau fuort.  
As ik snapt wurd, hat Sinis my by de lapen.’  
Wylst se tagelyk nei de doar ta sette,  
winket Dynte: ‘Gelok mei alles.’ ‘Jo ek.’  
Sa einet it geheime ûnderhâld tusken  
de kiere blondine en tsjeppe brunette.

**D**E mei blomkes beskildere pendule  
 op de kessenkast hat amper alf oere  
 slein, as Nier har keamer yn glûpt. In ynmoedich  
 wersjen. Mar dat duorret net lang. Se gean daliks  
 oer ta de oarder fan 'e dei (fan de nacht).  
 'Hjir hast him,' seit Dynte en jout him de kaai.  
 'Ik wit net oft Miniami it besoeje  
 sil, mar 't is net oars.' 'Geweldich. No kin ik aanst  
 noch in sjitwapen besette. Want dêrmei  
 sil 't gebeure. In probleem. Ydillidy  
 kin yn it kastiel gjin staak fan in esp fine.  
 Dy moat ik beslist ha foar 't deadzjen fan Sinis.  
 Kûgels binne net ôfdwaande.' 'As ik frij  
 fan de graaf bin, sil 'k dy helpe.' 'Dat kin net.  
 Ik bin presiis tagelyk mei Ydil bezich.  
 Sy mei de graaf en ik mei Sinis ter Minal.  
 De graaf giet altyd mei dy nei syn keamer  
 en Sinis bliuwt by de ûndeaden yn de hal.'  
 Ynienen fearret Nier op. Is it wier? Hy dreamt  
 mei iepen eagen. Giet nei 'n hoeke fan 't fertrek.  
 Dêr stiet de stok foar 't snuten fan de kearsen  
 yn de kroanljochter. Ferdomd, 't is espehout!  
 'Dizze nim ik mei!' seit er optein. 'Dat skeelt my  
 in soad kopsoargen. Krekt fan pas. As dy lakei  
 dernei freget, tinkst mar in ferlechje op.  
 Datst de stok yn it fjoer smiten hast, of sa.  
 Sjoch.' Hy brekt oer de knibbel de iiz'ren kniper  
 derôf, jout dy oan Dynte en hâldt sels de staak.  
 Hy hoecht no net mear nei it houthol ta, mei  
 alle gefaren dêrby. 'Ik krij in klaad  
 oan fannacht,' prakkesearet Dynte. 'Lang en waarm  
 genôch foar de tocht troch de stienkâlde gongen.  
 Mar foar it hurdrinnen en bûtendoar yn

de snie net botte geskikt. 'k Woe dat ik myn  
eigen klean meinimme koe. De hutkoffer is  
te grut en te swier.' 'Dêr haw ik noch net oan tocht,'  
seit Nier. 'Witst wat? Bepak watst meinimme wolst  
yn in rok en knoopje dy fêst. Jou it mei  
oan Ydillidy. Dy ferstoppet har spullen  
by de syddoar. Dat guod giet ek op 'e slide.'  
'Dan moat ik even hast bleat troch de gongen  
rinne,' betinkt Dynte. 'Mar dat is net slim,  
want ik bin yn beweging. It foarskot oan jild,  
dat ik hjir fertsjinne haw, jou ik al oan dy,  
om it te bewarjen. Ik haw net om neat  
yn dit grize kastiel west. As 't goed beteart,  
binne wy moai foar jierren ûnder de pannen.'  
Se langet him in tichtknotte bûsdoek oer, dy't  
er djip yn 'e binnenbûse weistekt. Syn  
lêste besyk foar de ûntsnapping ferrint  
flot, sûnder ynterrupsje fan Felipomus.  
Hy jout Dynte noch wat goerie oer 't ien en oar  
en dan is 't foarby: 't hat healwei ienen slein.  
'Hâld dy taai!' is syn ôfskiedswurd. Hy set ou.  
De wapenkeamer. Neat wurdt him yn 'e wei lein  
op syn strúnderspaad troch it tsjustere gebou.  
De kaai past en de doar draait sûnder gerucht.  
Yn de wapenkeamer komt in dizich ljocht  
fan bûten troch trije lytse traaljegatten,  
strykt oer in tafel yn 'e midden en muorren  
mei wapens behongen. Buksen, musketten,  
pistoalen hingje rûnom. Izerbeslach  
en lopen net blinkend, mar ek net ferroastke.  
Dan sjocht er wat, dat him noch better ta liket.  
In hânbôge, kokerfol pylken derby.  
It koard spant strak en de stêf is fearkrêftich.



Dêr kin er mei sjitte sûnder lawaai. Hy is  
gau besletten: dy pilebôge nimt er mei.  
Mochten se, net te hoopjen, it ding misse,  
dan meie de goaden oer him beslisse.  
Mei syn bút naait er út. Doar op slot. Yn ien hân  
de bôge, koker op 'e rêch, staak yn de oare,  
sa haast er him op de lêste reis werom  
nei syn skûlplak. Ien kear hâldt er him deastil  
yn. Fier foar him út, op in ferljochte krusing,  
steckt Tsym mei in kroade dwersoer. Sûnder fierder  
opûnthâld komt er by de trep omhegen.  
Boppe sit er wier net om wurk ferlegen.

**D**e sinne giet ûnder en it skaad krûpt omheech  
oer ferrinnewearre muorren fan it kastiel.  
Toerspitsen fange 'n lêste readgouden glim,  
de hichten en lichten lizze yn skimer.  
In bleke moanne ferskynt, stiicht oan de himel,  
ferljochtet en spraat in doffe glâns oer de snie.  
Binnendoarren is it in hele drokte,  
net fan minsken, mar fan har bezichheden.  
Foar ús ek: wy flitse fan 't iene nei 't oare.  
Ider levert oan 't maskerbal syn of har deel.

UhDhBhHh makket de bakslide ree  
foar de streuptocht om liken nei middennacht.  
Lidy skrept foar twa. Nei de stâl fan it kastiel  
om him de drankkrûk te jaan; op dat fiere stee  
te kommen, sûnder dat ien har heart of sjocht.  
Se seit tsjin de fuorman: 'Hjir hast wat fan my.  
It moat foar tolven al op. Dan helje ik de  
krûk werom. Lis him salang mar ûnder it strie,  
oars rint it yn 'e smizen.' 'Uh,' bringt er út.  
Want dat is net tsjin dôvemansearen sein.

Sjimmetsje, yn de keuken, is drok oan it wurk  
foar 't rinnend buffet. Rustere bôle, belein  
mei skimmeltsiis, bloedwoarst en leverpastei.  
Dêrby noch sop, stip en smots, dy't se letter  
opwaarmje sil. Miniامي rint oan en ou  
om de lekkere dingen fan de keuken nei  
it fertrekje mei 't trochjoulûk te bringen.

Frou Loena is oan 't kleanferoarjen foar de  
nachtmielgasten oan 't maskerbal. Ydil siket  
byntou foar de graaf en lakei, ferstoppet dat mei  
eigen spul en proviand foar ûnderweis  
yn plonjesekken net fier fan de syddoar.

Tsym, de myst, mei help fan Felipomus, de reus,  
makket de grutte hal foar it maskerbal ree.  
Hy bringt ûnder mear de feestferljochting oan:  
kearsekandlers op peallen, twa kear mânsheech.  
Foar ferwaarming fjoerpotten fan getten izer. Felipomus sjout hout,  
steapelt it op yn in  
djippe nis, dêr't ek taffeltsjes en stuoltsjes  
yn stean, dy't aanst rûnom de tegeldûnsflier  
delset wurde sille. De graaf is yn it spier,  
sittend by 't skriuwburo yn syn studearkeamer.  
Hy is dwaande mei in nij-neimakke fers  
oer Afrodite, goadin fan de leafde.  
't Falt net ta. 't Buroblêd besiedde mei papier,  
dêr't de inket op dript en it kearsfet op spat.

Sinis ter Minal, duvelskeunstner, bezich  
yn syn fertrek, dat ek syn proeflokaal is,  
sit, by in ynspiraasjefonk, wer te brieden  
op wat er nea noch nimmer earder fertoand hat.  
Hy giet by syn ynstrumintarium lâns  
om de ûnderdielen byinoar te sykjen.

En Dynte? Wat docht Dynte? Dy sit ek net stil.  
Mei de help fan har eigen reisnaaigarnituer  
dat se fan hûs meinaam hat, naait se de mil  
fan in rok ticht, sadat se in sek hat om  
har skieppefluesjak en bontlearskes yn te dwaan.  
Nier sit net langer oanklaud mei 't ferkearde hout.  
Mei it foarsnijersmes fiket er omraak,  
bewurket by skimerljocht de espestaak.  
Hy hat twa gelikense pinnen yn 'e maak:  
ien om mei te stekken en ien foar it brekken.

Werom nei Dynte har keamer. Se is klear  
mei de reisroksek. It geútris is dien  
as Lidy (dy is it) deryn komt om har earst  
de teetafel foar te setten, dêrnei it bad  
te foljen. Dynte behimmelt safolle  
as se op kin. By de badkûp yn 't alkoof,  
't is dêr net sa gehoarich, freget se sachtsjes:  
'Soest dizze sek mei myn guod by dy fan jimme  
sette wolle?' Lidy seit: 'Ik sil it meinimme.  
By gelegenheid nei de syddoar ta bringe,  
mar 'k belooft neat.' Under it pûdeljen Dynte:  
'Wat is Wykje Ingberts út De Kompenije  
hjiir oerkaam? Dat wol ik witte.' 'Wit ik net.'  
'Wat is har oandien? Dat sil ik har folk  
fertelle as wy werom binne.' 'Wit ik net.'  
Wy binne der noait by as in dame ôfstekt.'  
'Is se wol mei de koetsslide hjiirwei gien?  
Of se wie hoer, ombrocht foar har fleis en bloed,  
lykas dy ynslûper fan in wike ferlyn?'  
'As wy hjiir libben foarwei komme, sil ik jo  
alles wat ik wit sizze. Ik romje no

ôf en gean fuort.' 'Wy sille 't neifertelle  
kinne,' seit Dynte wis. Lidy parst de lippen  
gear. Giet stil en starich. Dynte is allinne.  
Se wachtet it tsjustere nachtlibben ôf.  
Uterlik kalm, mar it brânt har fân binnen.

**R**LOKSLACH middennacht. 't Skuorrige beierjen swijt.  
Felipomus, yn de grêfkelder, hat alle  
deakisten út 'e muorre lutsen en doe

de deksels derôf dien, dy op 'e kant oer  
de flier set, tsjin de byhearrende bakken oan.  
De ûndeaden binne sleau út it grêf opstien,  
út de kisten stapt en stean wat ûngedien  
te wachtsjen op guon, dy't har ferstelde klean,  
netsjes hingjend oer de râne fan de lidden,  
oanstrûpe oer it breklike liif. It iene  
each fan Felipomus bespeurt wat nuvers.  
It klokketou strûpt troch it gat nei boppen.  
Dat hat noch noait sa west. Hy giet it achternei.  
Treppen op, de grêfkelder út. Yn de gloppe  
om 'e hoeke sjocht er hoe't it tou fierder  
omheech strûpt. Hy wachtet net. Trapet mei-iens  
twa gongen troch, noch ien en noch ien, dan giet er  
nei de twasprong en klaut by it oaljepitsje  
de kaai fan de neut. Dêrmei draait er de doar  
yn 't portaal iepen. It lûk neist de trep stiet  
iepen. Yn de djippe gjin tou, yn de hichte al.  
De ein bongelt út in gat tusken twa lûken.  
Hy poatet in foet op de ûnderste treed  
(it hout kreaket ysbaarlik), slacht de kloeren  
om de stilen en hiset himsels nei boppen.  
As er op de earste souder oankomt, moat er  
wer oernij heger gean, want it tou bongelt  
no út in gat yn de twadde souderflier.  
Dêr bedarre, is 't wer fan itselde. It tou,  
dat hieltyd heger strûpt, lûkt him nei boppen mei  
oer de treppen. It is kreakjen en skreppen,  
mar 't tou bliuwt him foar. As er einlings de kop  
út it boppeste trepsgat stekt, treft him in slach

fan komsa mei in pikhouwiel op 'e plasse.  
 Dy ferbrizelt de harsens fan 't harsensleas  
 wêzen. Felipomus glydt foaroer by de  
 trep del, as in baal seachmoal, dy't him leechskoddet.  
 Bliuwt ûnderoan, útspraat, deastil lizzen mei in  
 gapjende wûne, dêr't it bloed út boarrelt,  
 en bonkesplinters rûgelje oer de flier.  
 Nier komt oerein. Hy hat op 'e knibbels sitten,  
 oarekant fan it gat, dêr't de trep op útrint.  
 Sa koe er de reus fan achteren delslaan.  
 Hy is sels noch wat sweverich fan de klap.  
 Foaral gjin skoft hâlde, der is in soad te dwaan.  
 Hy moat noch mear minne honten de deastek jaan.  
 't Draait him net mear, mar 't skommelt. In wankele  
 stap op de trap nei ûnderen. Flits-bôge  
 mei pylkkoker, foarsnijersmes en de moker  
 hat er by him. Ek de esepinnen fansels.  
 Beitel en pikhouwiel lit er mar lizze.  
 Hy hat mear as genôch om mei te tûgjen.  
 De knyflokboltsjes hat er wol yn 'e bûse.  
 Dy binne net oan oaren besteld, mar hy nimt  
 sels ien, mealt it fyn. Men kin it noait witte:  
 as it gjin goed docht, dan docht it grif gjin kwea.  
 De lange latten, dy't it krús foarmje sille,  
 hat er ek by him. Dat is gjin swiere mar wol  
 ûnhandige sjou. En dan noch in ein tou.  
 De latten klamd ûnder ien earm, tree foar tree,  
 giet er hoeden nei de bedelte. Underoan  
 moat er noch wol oer de oaljefantsbealch klauwe,  
 mar dy net fûllearje: de kaai leit derneist.  
 Navenant er fierder delgiet, wurde syn  
 bewegings wissel, hy hat wer stjoer oer himsels.  
 Nei't er goed sjoen hat, dat it krús troch de doar kin,

bynt er de dwerslatte fêst. Set it oerein  
tsjin de muorre. De rêst is no foar Lidy.  
Dy sil it krús aanst helje om it de gasten  
foar te hâlden, dan binne se mei lammens slein  
en bliuwe teplak. Hy docht de doar op slot,  
leit de kaai op de neut, glûpt it tsjuster yn.  
Op nei syn twadde man; it stikem sekreet, dat  
him no noch tusken de fjoerpotten beweecht: Tsym.



**A**T maskerbal hat omtrint in oanfang naam.  
 Ut de krypt wei binne alle sibben kaam.  
 Se hawwe de âlde strampels noch net fan 'e flier,  
 sykje alderearst by 't foarôfslokje fertier.  
 Se nimme it yn troch in tin reidsje, dat  
 se gjin griemerij meitsje fan 't heilsume focht.  
 Oer har hollen steane flearmûzemaskers:  
 in koarthierrige mom mei dêryn fiif gatsjes.  
 Foar eagen en noasters twa, foar mûle ien.  
 De maskers binne aardich natuergetrou.  
 Grutte opsteande earen mei iepen skulpen,  
 in platte glêde snút, in gnizende breedbek  
 sûnder lippen. Alles yn it donkerbrún.  
 Mar fierders gewoan. Elkenien sjocht der krekt  
 -en-allyk út as foarige kearen. Mei har  
 skoatjassen, kammesoalen, knibbelbroeken,  
 oargelpiipjûpen, lobben, sjammeloeken,  
 klokjaponnen, jakken, boarst- en halsdoeken.  
 Sinis ter Minal himsels is al oanwêzich.  
 De tulbân stiet him op 't masker. Syn kaftan mei  
 de wide flearmûzemouwen hat er oan.  
 Foar him leit in draailier mei in fersterker.  
 Dat lêste hat er hjoed útfûn: in trachter  
 dy't muzyk fan de lier twaris lûder makket.  
 Om de dûnsflier hinne binne op tafels  
 de lege gleskes delset. Tsien fjoerpotten  
 brâne helder, hast sûnder reek. Lytse steapels  
 hout lizze derneist, want aanst ûnder it dûnsjen  
 kin Tsym net oan it kroadzjen bliuwe. 't Is stil.  
 Gjinn praterij. Inkeld sûzjen fan flammen.  
 De kearseljochters ferspriede in sachtsiden  
 skynsel. In noflike waarmte streamt troch de hal.  
 It wachtsjen is op de graaf en op Dynte.

Alle eagen bin' rjochte op de brede  
 trap mei balustrade, dy't healwei twa kanten  
 oprint en mei in bocht op de oerloop útkomt.  
 It is safier! Beidegearre ferskine  
 se en bliuwe foar de boppeste trede  
 op de ferbreiding stean, 't flearmûsgesicht nei 't front  
 fan it publyk. Dat jout har as ien man oerein  
 en begjint al spontaan te hantsjeklappen.  
 (It rattelt as in kleppermars fan bonkjes.)  
 De graaf giet steatlik mei Dynte by de trap del.  
 Underwilens is Sinis mei syn ynstrumint  
 achter de omstanners lâns op it balkon  
 ta set. Dêr sil er de lier op in tafel  
 lizze en de trechter oanslute. Want hy kin 't  
 spul goed oersjen fan dy betreklike hichte.  
 De graaf liedt Dynte troch de taskôgerskring.  
 Mei ien hân yn wysatinen want har by  
 de fingerseinen hâldend, de earm oplichtend,  
 trêdet er neist har ien kear de rûnte bylâns.  
 Dan bejout er him nei de midden fan de flier,  
 stekt de hân omheech en lit Dynte draaie.  
 Gouden moanne en stjerren op djipblau brokaat  
 draaie mei. 'Keningin fan de Nacht.' De gasten  
 oanskôgje suchtsjend dizze himelse pracht.  
 Heel foarsichtich heakket de graaf har it klaad  
 los. Dynte stiet yn topke en korseletsje.  
 De stille bewûndering duorret in setsje.  
 Miniami sjit ta om 't klaad te nimmen  
 en it oer in stoel fansiden te lizzen.  
 Twa by twa komme de feestgongers oer de flier.  
 Se sille in dûnske slaan, rigelje, sette  
 har yn postuer op de swartwite tegels.  
 Se sille yn it spier foar trije kertier.

No begjint it bal yn 'e hal pas goed. Mei it  
plingplangelgetangel fan Sinis syn draailier.

**H**r de fierste fierte kringe de klanken  
ta Nier troch. Toch sil er dy kant op moatte,  
want Tsym spaant dêrsanne yn of by de hal om.  
Hy ken de plattegrûn fan it kastiel no út  
de plasse, dy hoecht er net mear te rieplachtsjen.  
Mar de tsjusternis bliuwt wol in handikep,  
wylst er hoeden troch gâns gongen en gloppen  
skrept nei de dûnsjende mannichte. Dêr is syn bú. 108  
Hy wurdt in gloede oer de muorre gewaar  
oan de ein fan de gong. As er tichterby komt,  
him achter en tusken pylders ferskûljend,  
fangt er in skimke op fan de maskerade.  
Hy sjocht tusken de dûnsers Dynte. Neist har  
de graaf, teminsten, dat sil him wol wêze,  
want hy hâldt har stees beet en draait om har hinne.  
Dan kriget er heger it each op de spylman,  
troanjend op 't balkon, mei tulbân en kaftan.  
Dy sil er aanst lytsman meitsje. No earst Tsym.  
Wêr is dy? Nier glúpt ien fan de sydgongen yn.  
En dan heart er kroadzjen. Hy giet op it lûd ou.  
Komt by in nis, dy't healtsjuster is; it ljocht  
fan de hal kringt hjir mar heel sunichjes troch.  
Tsym set de lege kroade del, begjint in sjou  
hout yn te laden. Hy stiet mei de rêch nei Nier.  
Dy soe him mei it mes oanfalle, mar dit  
is noch better. Nier lûkt sûnder it minste  
geroft de bôge fan 't skouder en in pylk út  
de koker. Spant, mikt, sjit. Mist. De flitse trillet,  
roerdelings by it wang fan Tsym lâns, yn 't hout.  
De feint keart him om, sjocht Nier stean, fljocht him oan.  
In lang foarsnijersmes stjit him yn it noasgat,  
bliuwt dêryn hingjen. Op 't flymjende limmet spat  
bloed. Tsym docht noch in pear stappen. Falt foardel.

It mes glydt fierder de holle yn, de punt  
steckt yn de nekke derút. 't Gesicht oerside,  
spinfuottet en -earmet Tsym even. Leit dan stil.  
It is dien. Sûnder ien gjalp, sûnder leven.  
Nier ûntdocht it lichem fan 't mes en sleept it  
oan 'e fuotten de nis yn, sa djip as er kin,  
neist de houtsteapel. De kroade lit er dêr stean.  
Folgjende missy. Hy moat him wer tichtby  
de hal weagje om nei Sjimmetysje te gean.

**D**r bal is yn folle gong. It begûn mei in  
 oerstarige polonêze; foarop Dynte  
 en de graaf. Se slykslakje in pear kear yn 't  
 rûn. Dan komt in dûns yn ploechjes fan trijen.  
 Helte knoffeliger as bûsdoekjelizzen.  
 No binne se oan it hopsen yn in kwadrille.  
 Se wikselje al fan partner, mar krije  
 inoar net beet, hânklapke of fuotstampke,  
 't giet noch stiver ta as by De Skotse Trije.  
 Mar foar guon gasten is dit al te bot.  
 Dy sykje strampeljend de sydkanten op,  
 om dêr op in lege stoel del te ploffen.  
 Even útpûste. Se slaan in pear deuntsjes oer.  
 Aanst sille se har wer oer de dûnsflier bejaan.  
 Miniami bringt presintearblêden oan  
 mei hapkes en snapkes en Ydillidy  
 ferdielt se netsjes en eachlik oer de tafels.  
 It buffet sjocht der bysûnder mûltergjend út.  
 't Is noch net tiid om foarpriuwkes te nimmen.  
 Nei 't dûnsjen, as elkenien te sit is, dan  
 sil 't heevje. Sinis is sûnder ophâlden oan  
 't swingeljen, de draailier seurend oan 't tingeljen,  
 ek no't der wat minder oan 't dûnsjen binne.  
 De graaf docht gjin lichten. Hy fiert Dynte mei  
 fan de iene dûns yn de oare, lit him net kenne.  
 Dynte moat oan dit poppekastgesleauk wenne.  
 It duorret har te lang, is fierste statysk.  
 Se docht mar wat mei, beweecht automatysk.  
 Is der net by mei har gedachten. Hat it krap.  
 It fljocht har oan ûnder de tichte momkape.  
 It benaude swit brekt har út. Dat is net  
 fanwegen de hjitte. Se kin allinnich  
 rjocht foar har út sjen. It falt net ta om de boel

troch gatsjes te begnuven. De graaf sprekt gjin sprek,  
sa besteld mei it dûnsjen. De kwadrille  
is ôfrûn. Se stean stil. Hy ferlit net syn  
plak mei har op 'e flier, wylst oaren sit nimme,  
of opdraven komme. In menuet set yn.

**S**JIMMETSJE sit te dodzjen foar 't trochjoulûk.  
De rêch der nei ta, op in skammeltsje dat  
weiwurdt ûnder rokken en har wasktobbegat.

Even bekomme. Miniامي is ôfset  
mei de lêste sopterrine en 't komfoar.

Aanst sil Ydillidy 't smoarge diggelguod  
en reau werombringe foar 't ôfwaskjen. De doar  
stiet healiepen. It bykeukentsje is opstoomd  
en near. Sjimmetsje hat neat yn 'e smizen.  
Fielt ynienen in strûp om de hals. It tou  
knypt ta, skuort har beklings fan it skammeltsje ou,  
heal troch 't trochjoulûk en set har klem yn it ramt.  
Kin gjin fin ferreppje. Inkeld mei fingers  
fimelje. De útskuorde mûle spalket

har op. Kin net iens moard en brân roppe, gjin kik  
útbringe. De kiel knypt har potticht, se wurdt smoard.  
Fernimt it binen fan polsen en ankels.  
Sjocht dan troch in hieltyd reader waas Nier. Hy  
troppet har twa skûteldoeken yn 'e mûle,  
foar't er de strûpe om har hals slûpe lit. Sy  
bliuwt langút ûnmachtich yn it trochjoulûk  
hingjen. Nier giet 't keukentsje út, slút de doar.  
Fannijs rjochting sintrum fan de operaasje.

Noch hieltyd ferdekt, mar hy makket wol faasje,  
want it driuwt. Hy is op tiid, begluorket foar  
him it eptich dûnsjen, nei't er him temûk  
opsteld hat om 'e hoeke fan in bline glop.

Hy sjocht mar ien fan de Ydillidy's oan 't wurk.  
Sa wie it ek ôfpraat, dêr tidige er op.

Even letter ferskynt de oare: Ydil.

Werom fan Miniامي en Frou Loena. It  
ferrint allegearre oant no ta neffens plan.  
Dynte en de graaf binne noch op 'e flier.



Tusken in hantsjefol oaren, achttjin man  
 yn totaal. Fjouwerenfyftich ha no bekoar,  
 sitte by de tafels rûnom út te pûsten.  
 De muzyk sangert troch, it tempo leit leech  
 en de dûnsers beweegje fertrage. Krekt  
 stânbylden fan klaai, dy't har heeltyd oerlangsum  
 ferfoarmje. De lêste dûns, in Frânse *loure*,  
 dy't nei in úthaal noch ûnferwachts einet.  
 Foar de gearspanners begjint no de oere  
 fan de wierheid. Foarby is it flearmûzebal.  
 De dûnsers sykje in plak, nimme har gemak  
 by de hapkes. Dêrby gean de maskers ou.  
 Nier sjocht út syn skûl wei hoe't Lidy de hal  
 útgiet om, dat wie de opdracht, it krús te heljen.  
 De graaf en Dynte hâlde de momkappen op,  
 ferlitte daliks de flier en bejouwe  
 har nei syn keamer. Nier bespeurt dat Ydil  
 even te wachtsjen stiet, se dan achternei giet.  
 Sinis, masker noch foar, krijt trachter en draailier  
 ûnder de earms en komt fan it balkon nei  
 ûnderen. Hy rint oan de gasten foarby,  
 streekrjocht de hege brede haadgong yn, dêr't Nier  
 fan wit, dat syn laboratorium oan leit.  
 Nier sjit, yn it skaad fan de pylders bliuwend,  
 deselde kant op, genôch ôfstân hâldend  
 om net fernommen te wurden en iderkear  
 even fansiden stappend achter in steunbear.  
 Sa komt er by Sinis syn privaat domein.  
 De man hat de doar iepenstean. Nier beloert  
 him. De helhûn hat earst syn ynstrumint dellein,  
 dan syn tulbân, sil him no mei beide hannen  
 it masker fan de holle tille. Op dat  
 momint slacht Nier ta. De moker bliksem del

op de duvelse breinpanne, dy't iepenknap.  
 Tagelyk hâldt in hâldgreep Sinis oerside.  
 Hy klapt achterstefoar tsjin de muorre, glydt  
 oer de flier, in skonk en earm bryk ûnder 't liif.  
 Nier set him in knibbel op 'e strôte, de staak  
 rjocht op 't boarst en driuwt dy mei mokerslaggen djip  
 yn de ribbekas. In bloedblom ûntjout him,  
 spriedt wider en wider út oer de kaftan.  
 Sinis, it gesicht heal ôfdraaid en ferlutsen  
 ta in grousum grimas, stoarret blyn yn it neat.  
 Ydil, de wangen en hals mei fegen bloed  
 besmoarke, stoot op dat pas de keamer yn.  
 Raast: 'Hast de ferkearde! Dat is de graaf, Sinis  
 hat Dynte!' Nier sjit yn betizing oerein.  
 Se skuort him mei. 'De graaf en hy hawwe fan klean  
 wiksele,' behimet se rinnendewei.  
 'Wêr is se, wêr is se?' 'Studearkeamer, kom mei!  
 Troch ytlike tsjustere gongen; dy bedraafd,  
 stean se stil foar de tichte doar. Nier smyt him  
 iepen. Rûngear achteroer, fêstbûn op it  
 buro, leit Dynte poerneaken en Sinis stiet  
 foardel oer har hinne, de slimige mûle  
 mei lange punte hoektosken opspalke.  
 Sa wurdt de lustmoardner troch syn slachtoffer  
 obsedearre, dat er de oaren net iens sjocht.  
 Nier sjit him in pylk yn de sliep. Sinis wankelt.  
 Syn bek klapt ticht en syn holle fansiden,  
 gliert oer Dynte har bûk tusken har skonken  
 en bliuwt dêr lizzen. Nier hat de reservestaak  
 al beet, lûkt Sinis oan 't hier langút oer de flier  
 en mokert him de pin tusken de ribben.  
 Ydil ratst wilens mei it foarsnijersmes  
 de byntouwen dy't Dynte fêsthâlde stikken,

lûkt har de mûlbân foarwei. Yn fleanende haast  
fege se trijeresom fuort nei de hal  
om de fjirde fan 't kwartet op te pikken.  
Want dêr hat Lidy al dy tiid har wachtersrol  
heldhdachtich ferfolle. It krús omheechheve.  
It duorre even. Doe krong it teken ta  
de sibben troch. De sleaupraterij stûke.  
Stip, sop en smots dripte by de mûlshoeken del,  
woarst en tsiis bleau ûnbemeald tusken de kiezzen.  
Ien foar ien kamen se ûnbehelperich  
fan 'e stoel, lieten de iterij lizze,  
spraten yn ôfwar de bonkige fingers op  
skouderhichte en skoffelen nei inoar ta,  
doe op in tropke tichterby, it grutte  
krús strak oangapjend. Mar se bleauwen op tsien  
stappen fan Lidy stean. Ut en troch makke ien  
oanstalten om neier te kommen, skrille dan  
wer tebek om mei in mûle fol tosken  
alhiel ûntheistere nei boppen te sjen.  
Lidy hold it krús stil, as se it mar even  
beweegde, gong in gril fan ûntset troch de lea  
fan elk en kamen se út de ferstiving.  
Dêrom hold Lidy harsels en de gasten  
krampachtich yn de stokken, al kloppe it hert  
har yn 'e kiel. Sa stiet se in skoft te wachtsjen,  
sels ek stokstiif, op har eigen ferlossing.  
Einlings fernimt se 't roffeljen fan fuotten.  
Ydil, Nier en Dynte stowe foar de pylders  
lâns. 'Kom mei!' ropt har suster. Lidy set it krús  
oan it begjin fan de gong nei de syddoar  
en fljocht achter de oaren oan. Fuortdaliks  
komme de sibben fanwegen, tagelyk op  
it krús ta. Reitsje it net oan, gean net foarby.

Se doare de ûnsjenbere magyske  
sirkel dêromhinne net te betrêdzjen,  
wylst Dynte, Nier, Ydillidy har ôfmêdzje  
yn in razende ûntsnapping út it kastiel.  
Mar yn de haast om nei bûten te slagjen,  
hawwe se noch wol de berettens en nim  
yn de flecht wei de bagaazje mei. No noch ien  
obstakel: de syddoar, dy't Ydil ûntskoattelt.  
Dêr stiet de bakslide. UhDhBhHh sit  
foar op 't kret, weidûkt tusken bochel, bontkraach  
en bearemûts de rûs út te sliepen. Nier sjit  
sûnder gerucht him op 'e side. Jout in dûst.  
De fuorman bringt Uh noch Bh út. Hy tommelt  
as in dûkelpoppe fan 't kret yn de snie.  
Slept ûnbehind're troch, begjint te befriezen.  
Se litte him lizze. No gjin tiid ferlieze.  
Moatte gau fuort. Kinne dêr net oer knieze.  
De ljochte Venus en de twa brunettes  
beklatterje in plak yn de bak. Krûpe daalk  
ûnder it dekseil (dat foar liken bestimd wie)  
want 't is stjerrende kâld. Dynte sit mei-iens  
har oan te klaaien. Nier, op de sitplanke,  
nimt de teugels en set de hyns oan. En dêr  
slydjaget it hinne, sa hurd as se kinne,  
de hyns op in draaf troch de wiskjende snie.  
De bocht om, it foarplein oer, by de iisbaan  
fan de fiver mei de beferzen blomfontein  
lâns, in brokkelige muorrebôch ûndertroch,  
de frijheid temjitte. It kastiel ferdwynt  
yn it djippe tsjuster achter de heuvels.  
't Gefjocht om út de greep fan it kwea is foarby.  
No hoege gjin oerfallen mear, gjin meneuvels.  
Earst wat waarmere klean oanstrûpe. Dynte

giet ta har rêchponge, Ydil en Lidy  
dogge in taast yn de plonjesekken. Se gean  
better sitten. Dynte mei de rêch nei Nier ta,  
Ydillidy foar har oer tsjin 't achtersket.  
Lidy behimmelt it gesicht fan Ydil  
mei in hantsjefol taknypte ranende snie  
en wat flibe. It biten fan Sinis is net  
bot oankaam. Twa lytse gatsjes yn de kiel,  
dêr't in dripkje bloed út sipert. Lidy wynt  
der in lapke om. Dat blet net troch. De froulju  
komme op ferhaal en de tongen los. 'Hoe haw  
ik my sa fersinne kinnen, Sinis syn  
dwaan en litten wie dat fan de graaf,' begjint  
Dynte. 'Wy hiene 't ek net sketten,' falt Ydil  
har by. 'Se hiene ek inoars stap oanmetten.'  
'Hawwe se soks oait earder dien?' 'Nee, noch noait  
by myn witten. Oars hiene wy dat wol sein.'  
'En jimme hawwe echt noait earder by de ôfreis  
west fan in frou, dy't troch de graaf útnûge wie?'  
'Inkeld no,' andert Ydil. Dynte glimket.  
'Nier soe ús nei Ukkel by Brussel bringe.'  
'Sit dêr mar net oer yn. Wat er belove hat,  
docht er ek.' Lidy dielt wilens in flaubyt om.  
Dy wie eins foar letter, mar falt der goed yn.  
De hyns drave dat it sawat docht. Nier nimt  
se wat werom, sil se in bytsje sparje. 't Wurdt  
in hele reis, se bin' noch mar krekt ûnderweis.

**F**N dan komme de wolven. Se komme yn  
golgen de lichten del, de hichten op, de  
flakten oer en strûpe it slidespoar ûnder.  
In dûnkere golf spielt oer it wyt fan de snie.  
Dynte sjocht dat it earst, komt oerein, fierket.  
Ynearsten is se ferwûndere, mar al  
gau bespeurt se yn de moanneskyn wat it is.  
Se keart har ta Nier, lûkt him oan de jas, wiist. Hy  
sjocht oer 't skouder, fierket ek. As er wis is,  
makket er har mei in hânbeweging dúdlik  
de teugels oer te nimmen. Se klimt op de bok.  
Hy stapt derôf, krûpt tusken Ydil en Lidy  
yn, ropt: 'Wolven!' Knibbelt tsjin 't achtersket, docht  
syn hânbôge foarwei. De beide fammen  
skrikeagje nei de aloan oanstoarmjende kloft.  
Bliuwe dan, elk oan in kant, rjochtoerein sitten,  
achteromsjend, de hannen klampe om de  
baksrâne. Dynte hyst de hyns oan. It fljocht  
mei feart en faasje derhinne, mar de wolven  
winne, se helje yn. Nier leit de earste pylk  
tsjin it koard, spant de bôge en set him skrep.  
No kin er de foarsten al ûnderskiede  
mei de bekken healiepen, de tongen derút.  
Kin it hymjen fan al dy liven fernimme.  
Hy moat dy troep achter de slide hâlde.  
As dy bisten op 'e side komme, de  
hynders bespringe, dan is it ôfrûn. Hy mikt  
en sjit. Ien wolf slacht oer de kop en bliuwt lizzen.  
De kloft ferskrikt, davert dan oer him hinne.  
Nier sjit noch mear foar de kop, mar it jout neat.  
Se dogge gjin lichten. De pylken reitsje op.  
Dynte poent oan, mar de hyns kinne net hurder.  
Wat sy net sjogge, wy wol, is dat tusken

har yn en achter har rêgen in gefjocht  
geande is fan Lidy mei har twillingsuster.  
Ydil hat har ûnferwachts by de skouders pakt,  
achteroer treaun, har in hân foar de mûle  
slein en is doe mei de skonken útinoar  
op har sitten gien, en yn betwang hâldend. It  
gesicht yn razernij ferlutsen, de eagen  
moardsuchtich. Troch Sinis syn beet oanstutsen,  
is Ydil ek fampyr wurden. Se spalket  
de mûle iepen, lange punte hoektosken  
blikkerje, ree foar de beet. Se slacht de lippen  
om Lidy har kiel. De tosken priemkje troch  
't fel. Se sûget bloed. Lidy fielt it libben  
út har rinnen. Mei in lêste krêftsynspanning  
smyt se Ydil fan har ôf en jout har oerein,  
mar dy hat har al wer beet en ferstring'le  
slaan de fammen oer de baksrâne. Nier sjocht  
ynienen in prongel klean yn de snie fallen,  
tusken slide en wolven yn. De heap beweecht.  
De bisten minderje gong, hâlde yn en  
stake de achterfolging, stoarte har op  
de heap klean. In earm en in skonk stekke boppe  
de skokkende liven út. Nier begrypt. Raast, ropt  
Dynte ta. Mar dy heart it net. Syn gjalpen  
geane yn 't moartsjen fan de wolven ferlern.  
De hyns fjouwerje noch in ein troch, foardat Nier  
hâld oan har hat, de slide swaait en weromstjoert.  
As se op 't ûnheilsplak oankomme, is dêr  
neat mear te sjen. Allinnich fertrape snie,  
bloedkladden, in ta raffels haffele bonke.  
Rûnom is it deastil, gjin wolf te bekenen.  
Swijend sykje se tusken de resten. Stean  
in amerij yn tinzen wei. Dan skuort Nier

de kop derby. Hy moat him oriëntearje.  
Speurt de himel ôf nei de poalstjer. Dêr leit it  
noarden. Noch in lêste eachweiding oer de  
grime oarde. Hy kriget Dynte by de  
hân. ‘Kom, wy moatte no fierder.’ Yn gedachten  
bliuwt se stean. Hy konfoait har nei de slide. Yn  
de bak lizze twa plonjesekken. ‘Dy  
sil ik nei Ukkel ta bringe.’ ‘Dan gean ik  
mei,’ seit se mei in snok. Dynte is wer derby.  
‘Jou do dy mar yn ’e slide del. Wy binne  
noch lang net thús.’ ‘Gjin sprake fan. Ik wol neist  
dy sitte.’ Se stappe op. Njonken inoar  
gean se de reis oan. As se it ûngeloksplak  
achterlitte, fernimme se it krite fan  
in nachtfûgel troch de stillens. Nier set de  
hyns oan. Se slydzje it suden temjitte.

It dekor feroaret geandewei. De kjeld is  
net langer sa slim. It heechlân fersinkt yn de  
nacht en it leechlân dûkt op út de skimer.  
Hjir gjin ienbere pynbeam mear, mar keale  
reiden. De moanne ferblikket en de sinne  
klimt heger. Frieslân wurdt Fryslân. In slidespoar  
slingert neier, rint dan lykop mei harres.  
Se komme ûnder de minsken. Binne oan  
'e ein, wy ek, mar wolle noch fierder. Wy net.  
Sy sille hûsta. Wy litte har no gean, dat  
ha se fertsjinne. Tegearre op de bok,  
se fange de wyn op 'e wangen. De hyns  
drafkje yn de strangen. Ginder winke de Wâlden.  
Wy zoomje út. Dynte en Nier bin' behâlden.





Noardlike  
Nachten is yn  
fersfoarm skreaun.

De tekst rymt willekeurich  
en hat in regelmjittige ôfwikseling  
fan twa rigels mei tolve en twa rigels  
mei alve wurdlidden, mar gjin fêst metrum.



